

Wjerklank

Jiergong 10

Nûmer 20 (2016)

**Tydskrift fan
it Obe Postma
Selskip**

FAN 'E REDAKSJE

*Wjerskyn, wjerklank, wjergalm en
wjerkeatsing...*

Ek de geast bliuwt net behâlden

DE NET-BONDELE FERSEN

*By it ferstjerren fan Fokke Plat en
Sytse ten Hoeve*

Kolofon

Obe Postma Selskip

Wjerklank is it tydskrift, dat it Obe Postma Selskip twa kear jiers útjout foar syn leden. De redaksje is yn hannen fan Geke Sjoerdsma, Geart van der Meer en Jan Gulmans.

De lêste is ek redaksjesekretaris (E-mail: jan@gulmans.com). Mei Wjerklank jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijtsjes oer it wjerfarren fan it Obe Postma Selskip krije der in plak yn. Wjerklank jout graach romte foar gruttere of lytsere stikken oer it wurk en it libben fan Postma. Fierders jout Wjerklank omtinken oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsferslaggen, útstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postmastúdzje.

Abonnemint Wjerklank

Njonken Wjerklank hat it OPS in webstee: obepostma.nl. Leden fan it Selskip krije Wjerklank fergees tastjoerd. Sy, mar ek oare ynteressearre lêzers wurde útnoege om, as sy in artikel bydrage wolle oan Wjerklank, kontakt op te nimmen mei de sekretaris. Adres: Obe Postma Selskip: p/a Wagnerlaan 7, Enschede. Tel.: 053-4345511; E-mail: jan@gulmans.com. It lidmaatskipsjild (min. € 17,50) moat oermakke wurde op NL74ABNA0437443620 fan it Obe Postma Selskip te Ljouwert.

Obe Postma Stichting

Donaasjes binne mear as wolkom. It selskip hat de offisjele ANBI-status. Dat bestjut dat abonnemintsjild en skinkings ôflutsen wurde kinne wurde fan de belesting. Untwerp foarblêd: Rob Lucas
Untwerp en opmaak: Frits Sieperda

Ynhâld:

Kolofon 2

Fan de bestjoerstafel 2

FAN 'E REDAKSJE 3

Wjerskyn, wjerklank, wjergalm en wjerkeatsing... 5

Ek de geast bliuwt net behâlden 11

DE NET-BONDELE FERSEN 15

By it ferstjerren fan Fokke Plat en

Sytse ten Hoeve 22

Fan de bestjoerstafel

Lykas bekend, bestiet it Obe Postma Selskip dit jier 10 jier. By gelegenheid dêrfan ferskynt dit tsjokke jubileumnûmer fan *Wjerklank*. Op freed fjouwer novimber is der in feestlike gearkomste yn Tresoar, dêr't in portret fan Obe Postma, nei de dea fan Sytse ten Hoeve yn besit fan it Selskip, oan Tresoar oerdroegen wurdt. Op 'e Algemiene Ledegearkomste fan it Selskip op woansdei 15 maart (yn Kafee Wouters te Ljouwert) wurdt (as it hooplik klear is) it boek *Obe Postma, In libben dat bloeide nei syn aard* presintearre. It boek, besteande út twa dielen, is skreaun troch Tineke Steenmeijer-Wielenga (har bydrage draacht de titel *Al wat ik skriuw, dat is wier bard*) en Geart van der Meer (syn bydrage hat de titel *Fier haw ik myn dreamen weide/En de himmel iepen sjoen*). It boek ferskynt yn de Obe Postma Rige. By dyselde gelegenheid sille de twa skriuwers yn elk gefal elk in koarte ynlieding fersoargje (sj. fierder de byfoege brief). It boek fan Philippus Breuker, dat de titel kriget *Obe Postma, dichter en skriuwer fan it Fryske lân* ferskynt mooglik takomme jier. Op twa oktober joech Breuker in foarpriuwe fan dit boek mei in lêzing oer Tjitze de Boer en Obe Postma, hâlden yn It Histoarysk Sintrum te Ljouwert. Foar beide boeken is de finansjele romte garandearre.

Op de bestjoersgearkomsten fan 17 juny en 9 septimber is ûnder mear praat oer de takomst fan it OPS. Der is in detaillearre draaiboek opsteld en in dêrby troch de ponghâlder opstelde mearjierrebegrutting op it finansjele mêd. Inkele eleminten út dat draaiboek binne it útjaan, mei Tresoar, min of mear nei it foarbyld fan it bekende boekje *What the poet must know*, fan in trijetalige útjefte fan in seleksje fan Postma-gedichten en wol yn it ramt fan it LKH-projekt yn 2018 en it útjaan fan in 35 komposysjes, makke nei oanlieding fan gedichten fan Postma. Ofhinklik fan de fraach, hoelang't de finansjele polsstok is, giet it útjaan fan *Wjerklank* de kommende pear jier fierder. Mooglik ek mei bydragen fan OPS-leden.


Jan Gulmans, skriuwer

It Bestjoer fan it Obe Postma Selskip bestiet út: George Huitema (foarsitter), Jan Gulmans (skriuwer/redaksjelid Wjerklank), Jan Guichelaar (ponghâlder), Geke Sjoerdsma (redaksjelid Wjerklank), Geart van der Meer (redaksjelid Wjerklank), Doekle Elgersma.
Adres fan de skriuwer / redaksjeadres: Jan Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522KH, Enschede, tel. 053-4345511. Email: jan@gulmans.com.

FAN 'E REDAKSJE

De redaksje biedt de leden fan it Obe Postma Selskip hjirbij it tweintichste nûmer oan fan Wjerklank, wat sadwaande betsjut dat it Selskip no tsien jier bestien hat. Yn it foarige nûmer wie hjir al mei de folgjende wurden bijstilstien: 'It idee fan in Obe Postma Selskip is op sneitemiddei 21 maaie 2006 ûntstien. Pieter Bakker en Philippus Breuker hienen doe yn de tsjerke fan Skraard in kulturele middei belein, wêrby't Pieter Bakker muzyk útfiere liet en Breuker oer it lânskip by Postma spriek. Dêr wie aardich flecht op 'e koai, en Siebren

van der Zwaag stapte doe yn it skoft op Breuker ta en frege him, oft der ek in OPS wie. Op Breuker syn fraach oft hy dat mei oprjochtsje woe, sei er fan 'ja' en Breuker woe ek wol, mar dan moast Jan Gulmans, dy't der ek wie, ek meidwaan wolle. Dat woe er en doe ha Breuker en Van der Zwaag der in pear lju by socht (Tineke Steenmeijer-Wielenga, Piter van Tuinen, Sybren Sybrandy en Hylkje de Jong) en sa koe it Selskip oktober 2006 offisjeel oprjochte wurde.' Dit ekstra tsjokke nûmer wol dan ek in wat feestlik kleurke jaan oan dit jubileum. Wij hoopje dat jim dit nûmer mei nocht lêze sille.



FOTO'S: OPRJOCHTINGSGEARKOMSTE YN SKRAARD 2006. Mei tank oan Philippus Breuker foar it beskikber stellen hjirfan.



Wjerskyn, wjerklank, wjergalm en wjerkeatsing...

Stilstean by de hichtepunten fan tweintich nûmers fan it OPS-tiidskrift Wjerklank

Jan Gulmans

Rillegau nei njoggentjin novimber twatûzenseis, de offisjele oprjochtingsdatum fan it Obe Postma Selskip, waard in saneamd tsienjierreplan opsteld. Yn dat plan stie ûnder mear te lêzen, dat it Selskip ek as doel hie it útjaan fan it tydskrift *Wjerklank* (en wol twa kear yn it jier). Mei *Wjerklank* – sa wie en is noch altyd it doel – jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijtsjes oer it wjerfarren fan it Selskip krije der in plak yn. Fierders besteget *Wjerklank* oandacht oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsmeldingen, foarstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postmastûdzje. Fierder is der plak foar gruttere of lytsere stikken oer wurk of libben fan Postma. Oant safier it tsienjierreplan. No't it tweintichste nûmer fan *Wjerklank* ferskynt, is it net sûnder belang ris nei te gean of en yn hokker sin dizze doelstellingen realisearre binne. Ik wol dan ek oan it ein fan dizze bydrage oandacht besteegje oan de fraach, ynhoefier't de tweintich nûmers fan *Wjerklank* oandacht bestege hawwe oan boppesteande tema's. It sil bliken dwaan, dat net alle doelstellingen hannen en fuotten krigen hawwe.

Yn it earste nûmer – maart 2007 – stie de besibbens tusken de âld-Dokkumer Fokke Sierksma en Obe Postma sintraal. Twa wichtige brieven wurde presintearre; ien fan Postma oan 'Tige achte freon Sierksma' (11 april 1953) en ien fan Sierksma oan 'Heechachte Dr. Postma'. De lêste einiget syn brief mei de folgjende belidenis: 'Elk libbet syn eigen libben, mar faaks mei ik hjir yet sizze, dat Jo foar my binne in âlde freon, dy't my faak helpt myn libben te libjen'. Philippus Breuker besprekt yn de rubryk 'Kommintaar op gedichten' de fersen 'Ofskie' (SF 181; 1926) en 'Jûn' (SF 185; 1927). Fan it lêste gedicht hat, neffens Breuker, Postma ris sein: 'Ien fan de bêste gedichten, dy't ik neffens my skreaun ha'. Breuker neamt it in gedicht fan klassike ienfâld; efkes letter seit er, dat de wurden en de sinsbou net altyd like maklik binne. Wat te tinken fan 'it lichte gedjoei fan tinzen, en de djippe saad fan de hertstochten?' Yn itselde nûmer noch in stik fan Breuker en wol oer it OPS-reiske nei Grinslân. In freon-dinne fan mysels, Mrs. Audry Vanderhoof út Forth Worth, Texas, lit har ljocht skine oer it bekende boekje *What the poet must know: an anthology*. Sy komt ta de konklúzje, dat 'Postma manages to balance his lines through an

objectivity mastered perhaps in his training as a physicist and mathematician. He knew the value and power of elemental things, seen and unseen, and knew them to be energized ultimately by the light of the sun'. Hja doelt hjir foaral op it bekende gedicht 'It Ljocht'. Ek oandacht foar de rubriken 'Synjaleminten', 'Nijs' en 'Faria'. Dy trije rubriken ferskine lang net altyd yn de hjirnei kommende nûmers.

Op 16 novimber 2007 waard ûnder auspysjes fan it OPS de stúdzjedei 'Wijsgerige aspekten fan de poëzie rond 1900 in Nederland' hâlden. Gerlof Verwey, Odile Heynders, Marco Goud, Dick van Halsema, Philippus Breuker en Lucien Custers soargen alle seis foar in koarte ynlieding op harren lêzing; dy ynliedingen binne opnommen yn **nûmer twa fan *Wjerklank***. De lêzingen, lykas dy hâlden waarden op 16 novimber, binne opnaam yn it boek, lykas dat yn de Obe Postma Rige ferskynd is. Opmerklik is, dat Philippus Breuker it wurk fan Postma situearret tusken Plato en Nietzsche. Lykas mooglik bekend is, hat Postma's freon Tjitze de Boer yn 1906 syn oraasje oan de Universiteit fan Amsterdam ûnder de titel *Friedrich Nietzsche en de wetenschap* hâlden. Yn dy oraasje komme opfettingen foar, dy't ek karakteristyk binne foar it poëtysk wurk fan Postma. Breuker seit op side 7 fan *Wjerklank* nûmer 2 'verheerlijking van leven en dionysische versmelting is ook kenmerkend voor de poëzie van Postma', neffens Tjitze de Boer skaaimerken fan it tinken fan Nietzsche.

Yn it tredde nûmer fan *Wjerklank* skriuwt Tineke Steenmeijer-Wielenga in moai artikel oer 'Postma as jong folwoeksene'. Sybren Sybrandy tekenet op oandwaanlike wize Tjitze de Boer as bibliotekaris te Grins. Lykas wenstich jout Philippus Breuker ek yn dit nûmer in detaillearre ynlieding op it OPS-reiske, dit kear nei Koarwert en omkriten. Hichtepunt yn dit nûmer is de bydrage fan Merijn Knibbe oer 'Obe Postma als landbouw-historicus'. As hy it hat oer de betsjutting fan Postma's wurk as lânbouhistorikus, set hy: 'De vraag kan gesteld worden wat de betekenis van het werk van Postma is binnen het grotere kader van de Nederlandse landbouwgeschiedenis. Wie een antwoord op deze vraag probeert te geven komt een verwarrende situatie tegen. Binnen Friesland is Postma bekend. Zelfs is sprake van een zekere 'revival' van zijn werk, bijvoorbeeld in het kader van het HISGIS-project van de Fryske Akademy. Autoriteiten als Slicher

van Bath en De Vries kenden cq. kennen het werk van Postma en hebben zich door hem laten inspireren. Aan de andere kant kennen hedendaagse landbouwhistorici die ik hier naar vroeg zijn naam niet eens en is hij, buiten Friesland, bepaald geen standaardreferentie op het gebied van de landbouw-geschiedenis. Hetzelfde geldt voor de analyse van boedelinventarissen. Uit de aard van de uitspraken van Postma (bijvoorbeeld over de verspreiding van de boerenschuur in het kleigebied) valt op te maken dat de wis- en natuurkundige Postma niet alleen veel boedelinventarissen gezien moet hebben maar ook een deel van de gegevens systematisch kwantitatief bewerkt moet hebben. Daarmee is Postma zonder meer de pionier van de grootschalige kwantitatieve analyse en van de ‘meta-interpretatie’ van boedelinventarissen geweest. Toch valt zijn naam niet terug te vinden in de literatuurlijsten van latere werken op dit gebied, of in het literatuuroverzicht zoals dat bij de boedelbank van het Meertens-instituut te vinden is. En ook van de boedelinventaris-historici bleek in ieder geval een deel, desgevraagd, zijn naam niet te kennen. De vraag is waarom Postma buiten Friesland zo onbekend is. Het is lastig die vraag te beantwoorden. Uit het bovenstaande zal duidelijk zijn dat het in ieder geval niet terecht is: een aantal van zijn inzichten zijn direct van belang voor hedendaagse discussies’. Wêrfan akte.

Yn it fjirde nûmer fan *Wjerklank* stiet in aardige bydrage fan Anneke Reitsma oer it tema natûr as ynspiraasje by Ida Gerhardt en Obe Postma. Hoe’t se dat oanpakt? Op in stuit seit sy: ‘Nu wil het toeval - als er toeval is, zou Gerhardt zeggen - dat de poëzie van Obe Postma mij moeiteloos terugvoert naar mijn eigen kindertijd, want tussen mijn vijfde en zevende jaar woonde ik in Siegerswoude, waar mijn vader ‘bovenmeester’ geworden was. Dit kleine dorpje in de Friese wouden had - naast allerlei andere charmes - één gigantisch groot voordeel: er was geen kleuterschool. Daardoor staat dat hele vijfde levensjaar in mijn herinnering gegrift als één grote, lange, uitgestrekte vakantie, waarin het wel altijd zomer of voorjaar leek te zijn. Onbe-kommerd en zonder enige notie van Plato of Lucretius dwaalde ik door de velden, die je nog met de seizoenen mee zag kleuren: wit van de madelieven, geel van de paardebloemen, lila van de pinksterbloemen en als het hoog zomer was roodbruin van de zuring. En dan de geuren die vrijkwamen als het oogsttijd was of - dat ook natuurlijk - als de mest werd uitgereden. Maar het meest indrukwekkend vond ik misschien nog wel dat onge-looflijk rijk gescha-keerde universum aan geluiden: van trappelende paardenhoeven, melkbussen die aan de straat werden gezet, de roep van grutto’s of kievit, de zeis die over het gras ging, kwakende kikkers of het geloei van bronstige koeien. Het was voor mij allemaal niets minder dan een epifanie, ook al kende ik dat woord toen nog niet. De woorden van Psalm 19: ‘De hemelen vertellen Gods eer, / en het uitspansel verkondigt het werk van Zijn handen’ - ik zag het allemaal dagelijks om mij heen. Ik

voelde mij, zoals Postma het ergens van zichzelf zegt, ‘als een diertje in Gods rijk’. En het wonderlijke was dat al die geluiden en indrukken zich rond het middaguur voegden in een landelijke stilte, waarin je - zoals Mak zo mooi beschreven heeft in *Hoe God verdween uit Jorwerd* - in het naburige dorp een emmer kon horen omvallen (van emaille natuurlijk, niet van plastic). Voor Obe Postma is heel dit landelijke universum - maar dan ontleend aan zijn biotoop in de greidhoek rond Cornwerd - een on-uitputtelijke schatkamer geweest. Het zal wel evenmin toeval zijn dat ik nu in die streek woonachtig ben: mijn boodschappen doe ik in Makkum en vanuit mijn werk-kamer in Idsegahuizum kijk ik uit op Piaam - plaatsjes die door Postma met grote vanzelsprekendheid worden opgenomen in zijn poëtisch panorama. Het bruggetje over de vaart bij Cornwerd deed voor hem niet onder voor de Ponte Vecchio in Florence. Of, zoals hij het formuleerde in zijn ‘Harnse reis’: ‘Goethe maakte een reis naar Italië en Rilke naar Rusland, / En als een ander mens kwamen zij terug. / Ik ben op mijn oude dag naar Harlingen geweest; / Een ander mens kon ik niet worden, maar ik heb hoog op de bolwerktuin gestaan’. Deze eigenschap om plaatsnamen te integreren in de poëzie deelt Postma overigens met Ida Gerhardt, die eveneens een weids pantheon oproept: van Rossum tot Hurwenen, van Zalk tot Veecaten, van Kampen tot Athene, van Rotterdam tot Olbia, aan de Borysthenes: “waar ik gestaan heb, waar de adelaar / nog huist en zich op vleugelen verheft” (‘Bij dag en nacht’). Fierder besteegje Geart van der Meer en iksels oandacht oan Friedrich Paulsen, waans *Aus meinem Leben* ta de favorite boeken fan Postma hearde. De koartlyn ferstoarne Fokke Plat jout yn nûmer fjouwer fan *Wjerklank* in besprek fan it boek *De dichters en de filosofen*, de del-slach fan de ûnder auspysjes fan it OPS hâlden stúdzjedei.

Yn it fiifde nûmer fan *Wjerklank* steane twa belangrike stikken fan Geart van der Meer, en wol oer de Emily Dickinson-oersettingen en de Rilke-oersettingen fan Postma. Lykas bekend wêze mei, hat Postma tusken 1940 en 1954 - dêrta op it spoar set troch Simon Vestdijk - tret-tjin gedichten fan Emily Dickinson oerset. En yn 1933 waard in spesjale, tige moai útjûne en fersoarge bondel mei Rilke-fertalingen fan de hân fan Postma útjûn. Nef-fens Philippus Breuker leit de reden fan it feit, dat Postma him ynliet mei Rilke yn trije skaaimerken fan de lêste en wol syn sensualiteit, de bekoaring fan de bernetiid en de estetisearring (better: objektivearring) fan gefoelens. Wat de Emily Dickinson-oersettingen oangiet, lit ik yn it folgjende Geart van der Meer oan it wurd. Dan blykt, hoe djipgravend van der Meer syn analyzen binne:

I’M nobody! Who are you?
Are you nobody, too?
Then there ’s a pair of us - don’t tell!
They’d banish us, you know.

How dreary to be somebody!
How public, like a frog
To tell your name the livelong day
To an admiring bog.

Wat direkt opfalt is (alwer) it sloppere metrum, of eins su-ver gjin metrum mear, mar earder de kadâns fan de sprek-taal, dêr’t Postma sa goed yn wie yn syn eigen frije fersen. Postma, sels in ‘stil en ienselvich’ (SF 222) persoan, moat troffen wêze troch dit fers dat ek oer sa’n persoan liket te gean, en hij sil net fermoede ha, dat – lykas Domhnall Mitchel (Martin 2002: 197-8) ha wol - dit gedicht mooglik in nochal klassebewuste en hautaine ôfwizing wêze kin fan wat Dickinson achte te wêzen de fulgêre politisi yn it demokratyske Amerika – de Ierske *rabble-rousers* of ‘volksmenners’ (*The Bog* wie in skelwurd foar Ierlân en

2.6 Dan folget

HAVE you got a brook in your little heart,
Where bashful flowers blow,
And blushing birds go down to drink,
And shadows tremble so?

And nobody, knows, so still it flows,
That any brook is there;
And yet your little draught of life
Is daily drunken there.

Then look out for the little brook in March,
When the rivers overflow,
And the snows come hurrying from the hills,
And the bridges often go.

And later, in August it may be,
When the meadows parching lie,
Beware, lest this little brook of life
Some burning noon go dry!

Ek hjir wer hat Postma him net safolle gelegen litten oan it metrum, mar dat is bij Dickinson ek net hielendal re-gelmjittich. Slimmer is dat er de byldspraak fan ‘your little draught (‘swolchje’) of life’ net folholden hat, en komt mei it brike drinken fan ‘jo lytse libbensstik’, wylst der alhiel gjin sprake is fan rymtwang. Dat ‘skrutene’ foar ‘blushing (birds)’ fiel iksels oan as in foarbyld fan rasjonalisearring: ‘skrutene fûgels’ is fansels ‘logysker’ as *kaamsjittende fûgels*, want dat dogge fûgels net letterlik, mar it stiet der wól sa. It begjin fan de tredde strofe is wol wat al te folle útwekke ta 15 wurdliiden: ‘Sjoch dan út nei it lytse

’k Bin nimmen! Wa binne jo?
Ek nimmen? Dan ha wy in span!
Wês wiis en bepraat it net fierder,
Hja dienen ús yn ’e ban!

Wat in aaklikheid is men immen!
Hoe plat de godgânske dei
As in froask jins namme te bringen
Oan ’e sompe yn oanbidding wei!

kin sadwaande op de Ierske immigranten wize, en yn it hânskrift stiet it dan ek mei in haadletter). It wurd ‘public’ betsjut dan mear as allinne ‘plat’ en dy ‘admiring bog’ is dan it nearzige bewûnderjende folk (fan minachte Iersk komôf). Mei it Ingelsk dernêst lêst men fansels dat ‘yn oanbidding wei’ as bepaling bij dy ‘sompe’, mar oars soe de natuerlike ynterpretaasje grif foar in protte lêzers yn it earstoan wêze kinne dat de froask sêls yn oanbidding wei is. Klaas van der Hoek rêdt him der hjir better út. Hij set oer ‘t idolate Slyk’.

Haw jo yn Jo hertsje in rinwiet ek
Dêr’t dimmene blommen stean,
En skrutene fûgels har drinkplak ha
En triljend de skaden gean?

En nimmen wit – sa stil giet it om –
Wat fan in streamke dêr;
En dochs jo lytse libbensstik
Is daagliks dronken dêr.

Sjoch dan út nei it lytse streamke yn ’e moanne fan maart
As rivieren ferjitte har wei,
As de snie mei geweld fan ‘e hichten komt
En nimt wol de brêgen mei.

En letter as it augustus is
En de mieden lizz’ skrok en soar
Pas dan op dat dy lytse wetterrin
Giet net yn it skroeiende teloar!

streamke yn ‘e moanne fan maart’, en wiist boppedat op in ferkeard begrepen Ingelsk – ‘look out for’ betsjut hjir ‘pas op foar’, sa’t Peter Verstegen goed begrepen hat (*pas wel op voor*), mar Klaas van der Hoek wer nèt (‘stean noed foar’). De wat ûnnatuerlike elizy yn ‘lizz’ yn it fierder wol moai fûne ‘lizz’ skrok en skoar’ is sa te sjen de iennige kear dat Postma him dêroan besûndiget – en dat, wylst dy elizy eins hielendal net hoegd hie hjir, want Postma hâldt him dochs al net strak oan de foarm fan it orizjineel.’ Oant safier Geart van der Meer.

Yn it **sechste nûmer fan *Wjerklank*** is in belangryk artikel opnommen oer de Aldsaksyske *Heliand*. It is fan de hân fan Tette Hofstra, âld bysûnder heechlearaar Aldgermaanske taal- en letterkunde te Grins en ôfkomstich út Lytsewierrum. De *Heliand* is in neifertelling fan de stof fan de fjouwer evangeeljes yn stêfrymfersrigels. De taspraak, dy’t de dichteres Elly de Waard by gelegenheid fan de presintaasje fan it boek *Emily Dickinson in leven en dood. Haar liefdes, haar werk en haar nawerking* (ISBN 978 90 330 0865 8) holden hat, is ek yn dit sechste nûmer fan *Wjerklank* opnommen. Allyksa in In memoriam nei oanlieding fan it ferstjerren fan Tony Feitsma.

Yn it **sânde nûmer fan *Wjerklank*** tekenje sawol Tineke as Frans Steenmeijer foar in bydrage. De earste hat foar har artikel de moaie titel keazen ‘It lânferhieren wie ús merkedei’ (sjoch de tredde strofe fan it gedicht ‘Peaske’, SF 2005, 53), wylst de twadde, Frans dus, ynsjoch jout yn it tema ‘Obe Postma as natuerwittenskipper’. Frans giet ek yn op de kar fan Postma foar it tema fan syn dissertaasje *Iets over uitstraling en opslorping*, oer elektromagnetyske straling. It reiske 2010 – Postma en Slauerhoff - kriget oandacht fan Breuker; allyksa besteget de lêste oandacht oan it prachtige boek *Obe Postma. Veld, huis en bedrijf. Landbouwhistorische opstellen*, Hilversum, Verloren, 2010.

Yn it **achtste nûmer fan *Wjerklank*** tekenet Breuker foar in koarte biografyske skets fan Tjitze de Boer, de freon fan Postma, oer wa’t Breuker koartlyn, op snein twa oktober 2016, yn it Histoarysk Sintrum Ljouwert op ’e tekst west hat. Professor Theo Spek sketst Postma as pionier fan de lânbou- en fan de lânskipsskiednis. Hy neamt in seistal skaaimerken fan Postma’s wurk op dat mêd, te witten ‘interdisciplinariteit, empirisch ûnderbouwd, natuurwetenschappelijk, eigenzinnig, retrospectief en schakelend tussen verschillende schaalniveaus’. In belangryk artikel, wat wis ta de highlights fan tweintich nûmers *Wjerklank* heart.

Jan Guichelaar, de ponghâlder fan it OPS, tekenet yn **nûmer 9 fan *Wjerklank*** foar twa bydragen, te witten in artikel oer de skiednis fan it rekkenjen. Dit nei oanlieding fan in lêzing oer dat tema fan Postma fan 15 jannewaris 1901. Fierder rapportearret Guichelaar oer wat hy yn de argiven fûn hat oer Postma as natuerwittenskipper. Bernard Smilde, de teolooch en musikolooch – in pear jier lyn, 93 jier âld, stoarn – fertelt wat oer it op muzyk setten fan gedichten fan Postma. Willem Abma reflektearret op de fraach, wat it him docht as Breuker op ’e tekst is oer gedichten fan Postma. Breuker sels jout, lykas wenst, in rykdom oan ynformaasje as tarieding foar it reiske nei Fivelgoa.

De stúdzjedei 2011 stie yn it teken fan it tema *Zekerheden in waarnemingen*. Jan Guichelaar en George Huitema ha dizze stúdzjedei tared en it boek oer dat tema redigearre.

Yn **nûmer 10 fan *Wjerklank*** skriuwt Guichelaar in artikel oer Postma’s wei nei de natuerkunde, wylst it span Guichelaar en Huitema tekenje foar it tema fan de stúdzjedei. De korrespondinsje mei Lorentz kriget omtinken, it mjitten, de kânsberekkening en noch folle mear. Martin Reints giet yn op Postma’s fassinaasje foar Slauerhoff, wylst iksels eat sis oer de ynfloed fan de filosoof Gerard Heymans út Ferwert op Postma.

Yn it **alfte nûmer fan *Wjerklank*** is ûnder de titel ‘Kiek, Postma!’ de tekst opnaam, dy’t Pieter de Groot (bekend fan ‘Dwers’ op freed en ‘Harje’ op sneon yn de LC) hâlden hie op de OPS-ledegearkomste. Tineke Steenmeijer hat in profyl opsteld fan Piter Obes Postma (1835-1891), de heit fan de dichter. It blykt, dat Obe it dichtsjen fan syn heit hie, lykas yn it folgjende bliken docht: ‘Oan de tekst fan in lêzing ‘Oer eigen wurk’ (18 febrewaris, 1939) foege Postma yn it hânskrift in ‘Koarte libbensrin’ ta, dêr’t er yn ferklearre, dat syn âlden beide Koarnwerter boerebern wiene en dat er as jonge twa omkes fan heitekant en fjouwer fan memmekant hie, dy’t lykas syn heit yn dat doarpke boer wiene. Mar mei suver wat fan grutskens heakke er yn in noat noch ta: ‘In “echte boer” wie heit lykwols net; it wie in man mei ljeafhabberij foar wittenskip en ek foar poëzy.’ It byld fan de greidboer kriget sadwaande al wat in nuansearring. Yn in lêzing foar Bernlef hie Postma yn 1934 alris ferteld hokker boeken by har thús op it rakje stiene, doe’t hy jong wie. Dat wiene fjouwer Fryske: *Hiljuwnsuwren* fan J.C.P. Salverda út 1834, *Blomme-koerke* fan J.G. van Blom út 1869, *It frijen en trouwen* fan Jelle Greidboer en *Beitske Bûterblom* fan Waling Dykstra (1861) en *De bidragene perfester, of: de bikearde prûkmakker* fan de Makkumer J.A. Schoelier út 1864. Hy achte dat tal fan fjouwer mar lyts en heakke deroan ta: ‘En dat wylst heit oars in ljeafhabber fan poëzy wie en foar in boer noch al hwet boeken hie. Wy hiene b.g. Cats, Ten Cate, da Costa, Tollens, de Genestet en heel hwet oare dieltsjes fen it letterkundig panteon’. De niget oan it lêzen fan gedichten en it talint om se te skriuwen hat Postma grif fan syn heit meikrige. Mem hold mear fan romans en fan toaniel. Yn ‘Erf’ (SF, 298) tinkt Postma oan beide. Oer syn heit skriuwt er dan: ‘Jo hiene ek al ris in rym betocht / En hage mocht jo sa dichts wûndre skyn’ en oer syn mem, doelend op de fersen dy’t heit foar har skreaun hie: ‘Mar och dat stille spul wie net har kar, / In bûnter ryk dêr bleau har leafde by.’ Behalve de belangstelling foar poëzy hat Obe dy foar de wittenskip, de skiednis en de wrâld om him hinne grif fan syn heit meikrige.’ Oant safier Tineke Steenmeijer-Wielenga.

Philippus Breuker skriuwt yn it **tolfde nûmer** oer de besibbens tusken Postma en syn freon Tjitze de Boer, lykas dat blykt yn de earste gedichten fan de earste. Breuker seit: ‘Lykas yn ‘De boerinne fan Surch’ (1900; SF 11) en ‘Foar it âlde húske’ (1902; SF 16) is it yn it gedicht ‘De graniums’ (1910, SF 32) in frou dy’t yn neitinn

ken tekene wurdt. It motyf is wol op te fetsjen as in teken dat de dichter him filosofysk op in sadanich stânpunt stelt dat er it libben opnimt sa’t it him oan minsken meidielt. Syn karakteristike niget oan it folksbestean sprekt derút. Dy niget dielde er mei syn freon Tjitze de Boer. Dy hat yn de tiid dat er yn Fryslân en Grins syn wurk hie, lykas hy syn oandacht oer twa gebieten ferdiel. By him wiene dat Arabyske filosofy en lânbouskiednis, by Postma natuerkunde en poëzy. Dy poëzy skeelde yn wêzen net folle fan De Boer syn lânbouskiednis, want dy gedichten gongen ek oer it libben op in boeredoarp. Men soe sizze kinne dat har eigen skiednis har net los liet, wat se ek studearre hiene - boeresoannen as se wiene. Mar de oerienkomst giet djipper. De Boer skriuwt yn syn lânbou-stúdzjes foaral oer de greidboer en tekenet it libben yn de Greidhoeke ferlike by it hurdere bestean yn de Bouhoeke, sawol fan Fryslân as Grinslân, as in sosjale idylle. En dat docht Postma ek! Ek hy hat it oer de greiden en it bliere libben dêre, likefolle foar boer as arbeider. Earst yn 1912 komt dêr in nij gesichtspunt by en dat is dat fan de frijheidssucht. Dy ferbyldet er yn de bewenners fan de dykhúskes dy’t der yn Koarnwert ek binne. Mar yn de poëzy oant dan ta is der in sterke oerienkomst mei de fyzje fan De Boer’. Fierder skriuwt Huitema oer it Eise Eisinga Planetarium - dit nei oanlieding fan it ferskinen fan it boek *Zekerheden in waarnemingen* - en gean Huitema en Jan Guichelaar yn op de resepsje fan it wurk fan de Frânske wiskundige Poincaré troch Postma.

Yn it **trettjinde nûmer** skriuwt Marco Goud, de kenner fan it wurk fan P.C. Boutens, oer de fraach yn hokker sin Tjitze de Boer de trait d’union wie tusken Postma en Boutens. Geart van der Meer draacht in moai artikel by oer wat Postma syn seleksje fan de Rilke-gedichten ús leare kin oer Postma sels. Dit stik slút min of mear oan op in eardere bydrage fan Van der Meer, dêr’t er yn sei, dat Postma him ‘flink fertild hat oan Rilke, wat út hast elke oersetting min ofte mear bliken docht’. Under de titel ‘Tusken klaaikluten en Akademy’ ha iksels in soarte fan earefrissel foar Philippus Breuker hydroegen nei oanlieding fan syn ôfskied fan it bestjoer fan it Selskip.

Yn it **fjirtjinde nûmer fan *Wjerklank*** giet Tineke Steenmeijer-Wielenga yn op it libben fan Sybrichje Tseards Rinia (1844-1928), de mem fan de dichter. Fierder in oersicht fan de dichters, dy’t hydroegen ha oan de poëzijmiddei te Koarnwert (12 maaie 2013): Willem Abma, Trijntsje de Boer, Jelle Breuker, Jan R. van der Burg en Willem van Dijk. It dêrop folgjende **fyftjinde nûmer** befettet in wat de skriuwer, Geart van der Meer, neamt lêsferslach fan de bondel *Fryske Lân en Fryske Libben*. Karakteristyk foar syn analyzen is in alinea as de folgjende: ‘ ‘Pinkstersein’ (1901) is yn de earste trije kwatrinen net mear as in beskriuwing fan de o sa ierdske blomrike greiden op in moaie pinksterdei. Mar dan komt de skok fan dat nuvere fjirde kwatryn:

Wat ierdske wille komt soks benei?
O hillige Pinkstersnein!
It heechste lok is op my saaid
En de himmel iepenlein.

Yn earste opslach soe men tinke: in kristlike draai ... mar as Pinkster betsjut it delsaaien fan de Hillige Geast út ’e himel, dan knypt der wat, want hjir wurde ierde en ‘himmel’ blykber lykslein, en is der gjin ferskil tusken dy twa. Ik fermoedzje dat dit fers guon lju út dy tiid wat in riedsel west hat, foaral omdat Postma syn gedichten dêrfoar dochs eigentlik wat leaf en tradisjoneel wiene, suver folkloristysk. Mar skyn kin ferrifelje’.

Dy styl hâldt Van der Meer ek oan yn syn lêsferslach fan de bondel De Ljochte Ierde út 1929, lykas dat opnommen is yn it **sechstjinde nûmer** fan it tydskrift, en twad, yn syn lêsferslach fan de bondel *Dagen* (1937), opnaam yn **nûmer santjin**. Yn nûmer 16 stiet in nijsgjirrich stik fan de biology-learaar/keunstner Frans Tiessen, dy’t, lykas bekind, de yn brûns getten búste fan Obe Postma – no yn Tresoar op in prominint plak te sjen -- makke hat. Yn it **santjinde nûmer** in ferslach fan de middei ‘Obe Postma sjoen troch dichtereagen fan no’, dat wol sizze troch de eagen fan de dichters Janneke Spoelstra, Arjan Hut en Hein Jaap Hilarides. Iksels jou in krityske skôging oar Breuker syn boek *Opkomst en bloei van het Friese nationalisme* (Wijdemeer, 2014).

Yn **nûmer 18 fan *Wjerklank*** is in moai en belangryk stik opnaam fan Jan Dirk Wassenaar. It giet oer in teologyske ferliking tusken Postma en Oepke Noordmans. Oer de lêste hat Wassenaar, no dûmny yn Hellendoorn, dêrfoar yn Warkum, in biografy skreaun. De besibbens tusken Postma en Noordmans is net great, sa docht bliken út it folgjende sitaat: ‘Ik slút ôf mei wat Postma en Noordmans oer de ljurk skreaun hawwe. It ferskil yn libbensskôging tusken beide mannen komt dêryn moai ta utering. Yn it dichtwurk fan Postma komt de ljurk withoefolle kearen foar, yn de bondel út 1918 trije kear. Yn ‘Yn maart’ hjit it: ‘De ljurken sjonge omheech har liet.’ Yn ‘Fan lûd en rook’ seit de dichter dat de ljurk song. Yn ‘Om maaie hinne’ lit er witte dat de ljurk heech stiet. De ljurk is ek yn in meditaasje fan Noordmans te finen. Yn de oertinking fertelt er dat er in kear mei syn seis jier âldere suster, ‘die nu reeds lang met Gods engelen zijn aangezicht aanschouwt’, nei skoalle gie. Underweis repetearren hja it ferske dat hja út ’e holle leare moasten: Psalm 24. De ein fan syn ferhaal: ‘Als in die zelfde april-maand op de zaterdag de namiddagschool en de avondschool stilstonden en wij samen reeds op de middag huiswaarts keerden; als wij dan aan de rode landweg kwamen tussen de groene weiden, dan verhoogden de poorten de boog, en wij gingen er onder door met een stille, blijde verbazing. Dan werd het zonlicht tot een verheffing (Ps. 4: 7) en tot een opening naar het rijk der klare waarheid. Dan beitelde zich de leeuwe-

rik in het blauw des hemels zijn trap, klimmende en het ‘lied der trappen’ zingende tot de top. En dan rinkelden vandaar de heldere kraaltjes van het geluid al stuitend naar beneden tot voor onze voeten. Door deze poorten en langs deze toon- en hemelladders gingen wij, Gods engel en ik, ‘verrukt ten reije’. Wa’t de Ijurk by Postma en de Ijurk by Noordmans ferliket, moat fêststelle dat it hâlden en dragen fan de fûgel by de iene net en by de oare wol in teologyske diminsje hat’. Yn itselde nûmer giet Geart van der Meer fierder mei syn lêsferslaggen, ditkear oer *It sil bestean*.

Yn **nûmer 19** ha ik in bydrage levere oan in stikje skiedskriuwing fan it Selskip en wol ûnder de titel ‘It doe yn ’t hjoed wer wûn’. It befettet in oantins oan it tsienjierrich bestean fan it Obe Postma Selskip. Fierder in nijsgjirrich stik fan de al neamde Jan Dirk Wassenaar oer de gearwurking tusken Dr. C. A. Reinberger en Postma op it mêd fan de fertaling fan de Heliand. Geart van der Meer giet yn op de bondel *Fan Wjerklank en Besinnen*. Hy einiget as folget: ‘Feitlik wurdt der yn dizze bondel neat tafoege oan wat wij al wisten fan Obe Postma syn dichtwurk yn it algemien. De bekende tema’s komme wer oan ’e oarder yn net ûnaardige gedichten, en litte har (as folget, tafoeging JG) gearfetsje: wat west hat, bliuwt ivich bestean, ien siele (de wrâldsiele) bewarret alles, en it suverst lok is it ien-fielen mei alle libben en dy al-geast, dy’t ‘alle libben draacht!’ Wat dat lêste presys ynhâldt, is mij (GvdM) net dúdlik. Dy ‘Geast’ is fansels ûnstofflik, mar hoe ‘draacht’ dy alle konkrete libben no krekt? Hoe’t Postma no presys de ferbining besjocht tusken it ûnstofflike en it stofflike, dat is hjir fansels de net beäntwurde fraach’.

Oan de ein kommen fan dizze bydrage wol ik noch yngean op de fraach, ynhoefier’t de besprutsen nûmers fan *Wjerklank* oandacht bestege hawwe oan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongs-meldingen, foarstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip (foarsafier relevant foar de Postma-stúdzje), oankundigingen fan boeken, skripsjes en rapporten oangeande Postma en/of syn tiidgenoaten, oankundigingen fan lêzingen, stúdzjedagen en kongressen oangeande Postma-stúdzje, ferslaggen fan eveneminten, foarsafier relevant foar Postma-leafhawwers en –kenners, nijsgjirrige fynsten en opfallende útspraken, saaklik-organisatoarysk nijs, personalia, rubryk ‘oare tydskriften’: nijtsjes fan oare, fakentiid oan it Obe Postma Selskip besibbe ynstellingen. Lit my dizze punten stik foar stik neirinne :

(1) Undersyksaktiviteiten : Jan Dirk Wassenaar syn bydrage oer *de Heliand* en Oepke Noordmans, de stikken fan Jan Guichelaar en George Huitema oer (ûnder meer) de natuerwittenskiplike korrespondinsje fan Postma, de bydrage fan Prof Theo Spek oer Postma as pionier fan de lânbou- en lânskipsskiednis, en, net te ferjitten, tal fan bydragen fan Philippus Breuker, Geart van der Meer en Tineke Steenmeijer oer wurk, persoan, famylje (de heit en de mem fan de dichter!), dichtwurk en freonskip (T. J. de Boer!) falle ûnder dizze kategory;

(2) Fuortgongsmeldingen: dizze kategory is minder út ’e ferve kaam;

(3) Foarstellen fan (nij) ûndersik op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip (foarsafier relevant foar de Postma-stúdzje) binne uteraard wol skreaun (subsyzje-oanfragen foar potinsjele subsidiïnten), mar dy binne net publisearre yn *Wjerklank*;

(4) Oankundigingen fan boeken, skripsjes en rapporten oangeande Postma en/of syn tiidgenoaten binne allinne foarsafier’t it om boeken giet (Obe Postma Rige) oan de oarder kommen, ek yn krityske sin;

(5) Oankundigingen fan lêzingen, stúdzjedagen en kongressen oangeande Postma-stúdzje, ferslaggen fan eveneminten, foarsafier relevant foar Postma-leafhawwers en –kenners, nijsgjirrige fynsten en opfallende útspraken, saaklik-organisatoarysk nijs, personalia, rubryk ‘oare tydskriften’: nijtsjes fan oare, fakentiid oan it Obe Postma Selskip besibbe ynstellingen : tal fan ferslaggen fan de OPS-stúdzjedagen binne yn *Wjerklank* opnaam, oankundigingen fan lêzingen binne allinne oan de oarder kommen foarsafier’t se ûnder auspysjes stiene fan it Selskip, de rubryk nijsgjirrige fynsten en opfallende útspraken is eigentlik net fan ’e grûn kaam, likemin as de rubryk oare tydskriften. Wol, uteraard, saaklik-organisatoarysk nijs (tal fan reiskes, de tarieding dêrfan en it ferslach dêrfan ensfh.). De konklúzje moat, tinkt my wêze, dat sa’n 19 nûmers *Wjerklank* hiel wat opsmitten hawwe. Us begryp fan persoan, dichter en wittenskiptsman Postma en ek fan de tiid om 1900 hinne is der sûnder mis troch ferdjippe. Tank oan al dyjingen, dy’t dêrta har bydrage levere ha.

Ek de geast bliuwt net behâlden

Eros en Tiid by Obe Postma en Jan Wybenga

Abe de Vries

Yn *De Tsjerne* fan maart 1953 – in temanûmer oer Obe Postma, as earbetoan by syn 85^e jierdei – stiet in ferslach fan in fraachpetear dat de âlde master hie oan hûs, dat wie doe de Ingelskestrjitte nûmer 5 yn Ljouwert, mei redakteur Douwe Tamminga.

‘Myldde wiisheit, sin foar humor, ynmoedich libjen-neibinnen-ta’, sokke eigenskippen koe Tamminga Postma fan it antlit ôflêze. Nei’t de ynterviewer alsa efkes yn ’e hoksen sakke foar syn meardere, kaam it petear op de earste literatuer dy’t Postma as jonge ûnder eagen krige hie. Dat wiene Homerus en Horatius en teksten út Frânske en Dútske skoalleblomlêzingen. Thús stiene Tollens, Ten Kate en De Génestet op ’e planke. Ek de Tachtigers wie er doe sljocht op. En wat it Frysk oanbelange: de briefkerij fan Troelstra, Wagenaar en Hepkema waard folge, de poëzij fan Salverda en Van Blom lêzen, de krantestikjes fan Trui Jentink leine op tafel, de *Rimen en Teltsjes* wie noait fier fuort. Toanielspile hie er ek, ûnder mear yn stikken fan Geart van der Zwaag en Tsjibbe Gearts van der Meulen. Letter kaam Boutens en fierder folle net genôch. Mar de moderne poëzij? Dy fan ‘Fytfich’ en syn Fryske wjergader?

Postma: ‘De fersen dy’t nou yn *De Gids* forskine haw ik neat oan. Se binne sa... modern en allegear gelyk. It is allinne assoasiaesje fan klanken en ik kin net sûnder logyske trie. Fersen lyk as fan Jan Wybenga lêsten yn *De Tsjerne* mei ik net oer. To modern.’ Gjin bysûndere niget oan it nije dus. Nou wie dat net sa nuver foar in man op syn hege jierren. Mei poëzij is it faak krekt sa as mei muzyk: wat men op jongere leeftyd heart en dêr’t men dan troch rekke wurdt, bliuwt gauris jins hiele libben in iikpunt, de maat fan de dingen. Net dat er wat de literêre foarm oanbelanget sa konservatyf wie; hy sels hie yn syn skriuwen al in foech fernijing tapast, yn de tweintiger jierren doe’t er út ein sette mei syn parlandofersen.

Dochs kin it wol nijsgjirrich wêze om beide oeuvres neist inoar te hâlden. Binne der oerienkomsten, oars as dat dy yn de skriftekennisse beide tekene wurde as de belangrykste oeuvres – wat dat ek presys betsjutte mei – fan harren tiidrek? Mei der praat wurde fan ynfloed fan Postma op Wybenga?

Mar earst in pear biografyske notysjes. Obe Postma (1868-1963) en Jan Wybenga (1917-1994) skeelden 49

jier, dat is rûchwei twa dichtersgeneraasjes. Postma debutearre yn in literêre periodyk op syn 34^e yn 1902, Jan Wybenga op syn 30^e yn 1947: beide binne it poëtysk besjoen dus relative letbloeiens, wat foar Fryske dichters earder regel as útsûndering is. Beide wienen se fan hûs út wat mear as sljuchtweiinne: Postma in boeresoan, Wybenga in bern út in timmermanshûshâlding; letter wie heit gemeente-arsjitekt. De earste hie wat mear yn ’e stúdzjeboeken sitten (gymnasium en universiteit) as de twadde (mulo, letter akte-stúdzje). Mar de twadde hie, wol ik leauwe, wat mear meimakke – traumatyske oarlochsjierrren yn Hitler-Dútslân – foar’t de dichterspinne it papier rekke.

Postma sette mei dichtsjen út ein yn in tiid dat de ‘libbensfilosofy’ populêr wie ûnder yntellektuelen; dat wie wat in sweverige fersoening, in ‘fusion’, tusken wittenskip en religy. Yn de Fryske literatuer binne der ek spoaren yn it wurk fan tiidgenoaten as J.B. Schepers, Douwe Kalma en Anne Jousma, hoe tige oft harren poëzij ek ferskilt fan dy fan Postma. Jan Wybenga gie op oare kimen te seil. Syn ynspiraasjeboarnen moatte foaral socht wurde yn it Frânske en Nederlânske symbolisme (Baudelaire, Apollinaire, Valéry, Van Schendel, Adriaan Roland Holst) en it Dútsk-Eastenrykse ekspresjonisme (Trakl). Mar ek hie er al jong niget krigen oan Fryske literatuer. Om him it Frysk by te bringen lies syn pake yn Warten him as jonge wol foar út de *Tyl Ulespegel* fan Waling Dykstra.

Noch twa oare punten oer de libbensrin fan dizze poëten: beide wiene se fan berop learaar, en beide hawwe se har langste tiid om utens sliten. Bêta-man Postma hat wis- en natuerkunde jûn oan middelbere skoallen yn Tiel en Tilburg en fan 1894 oant 1933 oan de Ryks HBS yn Grins. Alfa-man Wybenga wie ûnderwizer yn Westhoek en Wommels, dêrnei learaar Nederlânsk oan de mulo te Frjentsjer en fan 1956 ôf oant syn pinsjoen dosint yn itselde fak oan de Rykskweek yn Grins. It kin wêze dat dat lange skoft om utens yn de skriuwerij fan beide in beskate ôfstân ta Fryslân brocht hat – mar dan in ôfstân dy’t likegoed as in foarm fan langstme nei de taal útlein wurde kin. It wurk fan beide jout, sa’t wy aansen sjen sille, wol reden om dat te tinken.

No is wol de meast sinleaze eask dy’t in lêzer oan in troch de tiid ôfsletten oeuvre stelle kin, dat de teksten ‘ús noch wat te sizzen hawwe moatte’. As it antwurd negatyf útfalt,

leit dat nammers njoggen fan de tsien kear oan de skôgersels, oan syn beheinde poëzij-opfetting of dito maatskiplike en histoaryske eachweid. Nee, de boerewrâld fan Postma is net deselde as de boerewrâld fan dizze tiid – mar oan de oare kant ek wer wól. De grûn bliuwt deselde, de seizoenen binne net ferdwûn, it waar is net ferhuze, en arbeidzje kin ’t noch hieltyd net sûnder.

Sa kin men ek sizze: nee, de oarlochswrâld út Wybenga syn earste fersen is net deselde as ús spikerhurde neoliberaale fredes- en wolfeartspardys mei algeduerich eksport fan konflikten – mar oan de oare kant: in leafde yn tiden fan cholera, is dat ek net in leafde fan alle tiden? Yn poëzij giet it behalve om *wêr’t* oer skreaun wurdt, ek en foaral om *hoe’t* der oer skreaun wurdt.

Postma hat it ta syn dichterlik projekt makke om bylden fan it plattelân sa’t hy dy sels yn syn jonkheid sjoen hie, nei de notiid ta te heljen, meast neffens it prosedee fan it bekende fers ‘Hjerst’ út 1909. Dêr de earste twa strofen út:

It wie in stille snein, wat tsjuster en wat wiet;
Fan ’t beamte, yn hjerstgiel blêd, foel sêft de rein
oer ’t paad.
Wer thús by smoute hurd seach ’k út nei grize loft;
It wetter song, en harkjend waard ’k nei Fryslân
laat.

Hoe libbet yn my ’t âlde libben fuort. Ik sjoch
De hjerst dêrjinsen: ’t fee stiet op ’e stâl en leech
Is ’t weake lân. By bûthúsdoar leit heech it gers,
De kowewazem lûkt troch d’ iepen doar omheech.

Sokke bylden binne yn syn wurk altyd oanlieding foar gefoelens fan lok, fan ienheid mei de wrâld en de slachten dy’t ús foargiene. It lok út it ferline wurdt aktualisearre yn it hjoed – in technyk dy’t, sa’t ik op in oar plak útsteld haw, weromgiet op de filosofy oer parallele tiden fan de Frânsman Henri Bergson (1859-1941).

Mar it plattelân sa’t Postma dat kend hat, datearret fan foar 1886. Dat wie it jier doe’t er heite’ pleats yn Koarnwert dach sei foar stúdzje yn Amsterdam. As jonge hat er dus noch in sturt fan de boerebloeitijd fan 1850-1878 beet krije kind, mar yn syn jongfeintejierren wie it al krisis. In histoarikus sil it opfalle dat fan de Grutte Agraryske Krisis (1878-1890) net in snipper yn syn gedichten weromfûn wurde kin. Ek net, of amper wat, fan de makro-sosjologyske ferskynsels fan de tiid, lykas earmoede, urbanisearring en yndustrialisearring. It is weromsgjend, nostalgysk wurk, dat syn belang net ûntliet oan beskriuwingen fan de realiteit fan it plattelân, mar oan de driuw om, as wapen tsjin de Tiid, idealisearre natoerwerjeften en depolitisearre oantinkens oan it plattelânslibben te kombinearjen mei klassyk-Grykse fruchtberheidsmyten (Eros).

Dy’t it plattelân fan Obe Postma syn jonkheid kennen leare wol yn syn swarten en witen, kin yn de poëzij better telâne by de troch de ‘offisjele’ literatuerwittenskip ferspilde, tweintich jier âldere realist Marten Hepkes Bakker (1848-1927). Dy stie as dichter mei de poaten yn de drek fan de tachtiger jierren: sosjalist, maatskippijkritikus en frijtinker. Ek letter joech er blyk fan autentyk engaazjement, doe’t er, fan bakker ôfdaald ta de lege rang fan fabryksarbeider, wjend yn it troch Ljouwert oerfallen Huzum yn it populêre *Sljucht en Rjucht* mei de segen fan Waling Dykstra yn poëzij ferset oantekene tsjin de natuerferneatiging troch de moderne tiid. Mar dat yn ’e kantline.

Eros en Tiid binne ek yn it wurk fan Jan Wybenga kaai-begripen dy’t in ferbining oangean, in kompleks foarmje. Sintraal dêryn stiet in muze yn oarlochstiid, de oanstichtster fan syn earste (noch Nederlânsktalige) syklus, ‘eine kleine winterreise’, dy’t de basis foarmet fan parten fan syn debútbondel *Amoeben* (1954). Yn sawat it hiele oeuvre fan Wybenga binne ferlykbere, ferliedlike, sterke frouljusfigueren oan te treffen, meast as emanaasjes fan geasten út it ferline, dy’t yn it skriuwen nei de dei fan hjoed ta helle wurde. ‘Hoe healwiis it lykje mei, mar yn de tiid dat ik de bondel [*Barakkekamp*, AdV] skreau, kaam it my net hielendal onmooglik foar, dat men it ferline wer yn hjoed omtinke koe, of oarsom’, sei er yn in lêzing yn 1965. Yn it fers ‘Oar chanson’ yn *Barakkekamp* docht bliken dat dat dochs nêr koe:

De tiid is steefêst op syn plak,
in helhûn, altyd like wach,
dat net it fûle langstme dy
bloedwaarm yn dit momint
bespint.

Wybenga hat in jier yn Ljouwert wenne foar’t er yn 1943 ôfreizge as gastarbeider nei it Dútske Delmenhorst, dêr’t er foar in fleantúchfabryk wurke en yn in barakkekamp ûnderbrocht wie. Yn dy perioade waard de basis fan syn poëzij dúdlik: dat soe in obsesje mei tiid en eroatyk wêze. En mei harren bern, de fergonklikheid.

It giet dêrby net om mooglike ynfloed fan Postma; Wybenga is as skriuwer foarme troch de oarlochstiid. Wat de tiidoperaasje oanbelanget, dêrby hie it wurk fan de Ierske skriuwer J.W. Dunne oer tiidteory ta in ynspiraasje west. Wol hat er him wurdearjend oer de lettere, frijere poëzij fan Postma útlitten, mar wa hat dat net dien? Tsjin Tiny Mulder hat er sein dat er Postma al fan jongs ôf bewûndere, mar benammen om’t dy him sjen liet dat men ynternasjonaal ferneamde poëzij as fan bygelyks Rilke gewoan yn it Frysk werjaan koe. Postma syn filosofy sei him net folle: ‘It is hwat biheind, it komt allegearre del op it Al, de ienheit fan alles, forline, hjoed en takomst, de minske troch alle tiden. Dêr haw ik net altyd bigryp en gefoel foar hân.’

Dalik yn it iepeningsgedicht fan *Amoeben* set er him dêr dan ek tsjin ôf: ‘Net in soan fan d’ ierde, gjin / basterd fan it ljocht (...)’, skriuwt er. As wol er sizze: ik bin in bern fan de taal earder as fan de grûn. En yn de lêste bondel *Fergetten fersen* (1994) begjint it fers ‘In memoriam patris’ ek mei rigels dy’t ôfstân ta Postma syn tinken útdrukke: ‘O, treast dy’t in fersin is: ek de Geast / bliuwt net behâlden (...)’. It nostalgyske *Easterstreek* (1982) wol ek neat fan in konservearjende ‘Geast’ witte. ‘In see fan grien en giel, sa bleau ’t / âld lân behâlden yn ’e geast’, sizze de earste rigels: ‘geast’ mei in lytse letter. Fierder as it ûnthâld fan ien minske giet it bewarjen net.

Wat him yn Postma syn fersen oansprutsen hawwe sil, it gebiet dêr’t dus nei ynfloed socht wurde kin, is de formulering fan it oantinken sa’t dat plakfynt yn *Easterstreek*. Dy poëzij giet oer de streek dêr’t de dichter opbrocht is, yn de omkriten fan Noardwâlde yn de Stellingwerven, it poëtyske spiegelbyld fan Postma syn greidekrite boppe Makkum. Krekt as by Obe Postma spylje minsken út it

ferline in belangrike rol, by Wybenga binne dat ûnder mear Oolde Haans, Ysbrand, Swarte Tytsje, Jehannessy, Trijny. Aardich is ek dat de bondel yn syn sobere toan (wol waarm, mar net-persoanlik, ûnthecht, sa’t Geart van der Meer opmurken hat) it spiegelbyld is fan Postma syn post-Tachtiger stilistyske oerstjoerens (it gebrûk fan de útroep ‘O!’, de werhelling en de filosofyske fersichten).

De eigen krite, dan giet it oer it universele tema fan de âlderdom dy’t oan de jonkheid tinkt, of literêr formulearre, oer de stilearring fan it ferline. Dêr leit ek in oerienkomst, sûnder dat der ynfloed wêze kin. Sa’t Postma de foar syn projekt ûnnoadige (kollektyf-maatskiplike) eleminten út syn ferline-ydille weiliet of der inkeld even oan roerde – sosjale striid, honger, stakingen, kreauwery oer it leauwe, trek nei de stêd -, sa hat Wybenga syn oarlochstema bewurke en befike: hy hat inkeld it heechst needsaaklike op skrift oerhâlden. En dat is dan tagelyk wat men ‘dichtsjen’ neamt.



DE NET-BONDELE FERSEN

‘In lok fan ljocht en moaie dei, / Fan dreamen út in jonge tiid’¹
‘[...] Wat lang ferstoar / Komt by my op yn jonkheidsljochte sier.’²
‘Mar by my haw ik de strieling fan tûzen ljochte stûnen.’³

Geart van der Meer

1. Oanrin

Ik bin no, yn myn lêste ‘lêsferslach’, oankommen bij de net-bondele fersen fan Postma. De reden dat dy net opnommen binne yn de fiif bij syn libben publisearde bondels, mar fersille lizzen bleaun wienen yn ferskillende tydskriften,⁴ sil men fansels bij de skriuwer sels sykje moatte, mar dy kinne wij net mear freegje. Wol is it nuver genôch sa, dat der bij dizze lêste groep inkelde fan syn bekendste fersen sitte. Hjirboppe steane in stikmannich oanhalen út syn net-bondele fersen dy’t aardich werjouwde wat in konstant tema west hat yn it wurk fan Postma: it weromtinken oan in kuier, meastal op in sierlike sinneskynde yn de maityd. Dat weromtinken en it bewarjen fan dat wjerfarren fan lok yn syn *eigen* ‘siele’ of ‘geast’ is al de ynspiraasjeboarne fan syn earste wurk. Dêrnei komt de oertsjûging dúdliker nei foaren dat syn siele of geast mar tydlik in apart bestean liedt, en letter (wer) gearrane sil mei de ‘wrâld-siele’ of ‘al-siele’, dêr’t syn siele nei syn dea ta weromkeare sil, om sadwaande yn it ivich ûnthâld bewarre te bliuwen en om sa rêden te wurden fan de fergonklikens, of miskien moat ik hjir sizze: de *skynbere* fergonklikens. De langst nei it bliuwende is suver alle minsken eigen, en bij Postma nimt dat dus dizze foarm oan, dat wol sizze inkeld foar de *geast* of *siele*. Der is bij Postma gjin bewiis te finen foar in leauwen yn de ûnfergonklikheid fan it *stoflike*: dêrfan bliuwt inkeld it *byld* (de foarstelling dus) yn it sadwaande ek net-stoflik al-ûnthâld ivich bestean.

Dat begryp al-ûnthâld of wrâld-siele wurdt fierder nergens echt yn detail útwurke. Der mei oannommen wurde dat dy wrâld-siele ivich is, mar wêr’t we dy siele sykje moatte, is in riedsel. De ta de ivige al-siele weromkearende, en dan dêrmei wer gearranende *persoanlike* siele (= ‘Obe Postma’), is dêrtroch ek ivich, mar dat ûnderstelt dan ek dat ‘Obe Postma’ der as siele op ien of oare manier al west hat foar *syn* geboarte – wat er sels noait bewerd hat. Ek de relaasje tusken wrâld-siele en it *skeppend ljocht* is net útwurke. Dy suver Egyptys oandwaande sinne-god – wa hat

dy skepen? En *wat* hat dy god *hoe* skepen? En hoe is de ierde, en alles wat der fierder yn it *heelal* is, skepen (want der binne fansels miljarden sinnen – en dus sinne-goaden)? En is der ek wat *bûten* it heelal? We kinne it Postma fansels net kwea nimme dat er dat net seit en net witten hat, mar as jo ienkear begjinne mei begripen as ‘wrâld-siele’ en de sinne as ‘god-ljocht’, dan binne der ferfelende minsken as Van der Meer, dy’t trochtinke en trochfreegje. Sok folk begjint dan al gau te te konkludere dat Postma syn kosmogony (as dat in net al te swier wurd is foar syn wrâldskôging) út like problematise harsensspinsels bestiet as dy fan ‘echte’ godstsjinsten, mar miskien (sj. ek fierderop) moatte wij dat fan it ljocht/de sinne as ‘God’ mar leaver as in metafoar opfetsje. Postma syn wrâldskôging bestiet dan ek, hoe moai dichterlik ek faak formuleard, út nuveraardige briedstoeloptinksels. Ik kin der net mear fan meitsje. En ik ferbjusterje mij der geregeld oer dat Postma, fan oarsprong toch in *natuerwittenskipper*, him sa bejaan koe op de dwylpaden fan de klearebare *spekulaasje*, wylst him toch wol yndruid wêze moat dat redenearringen útgean moatte fan direkt of indirekt observeerbare feiten – en dat is dy wrâld-siele absolút net.

Trouwens, sis ik no, kommen oan de ein fan myn lêsferslaggen, wat ek opfalt is it feit dat Postma him blykber noait bekroade hat om in eventueel ferskil tusken ‘siele’ en ‘geast’. En it begryp ‘bewustwêzen’ spilet bij him alheel gjin rol. Dat elk minske in eigen bewustwêzen hat, dat einiget mei de dea fan de harsens fan de ‘besitter’ dêrfan, mei wol oannommen wurde as in feit, dat ús direkt jûn is, en hoeft mei religieus tinken neat te krijen te hawwen. It begryp fan in ‘siele’, dy’t trochbestiet nei de dea fan de besitter, is folle problematiser: suver alle godstsjinsten lykje dat begryp op ien of oare manier te hantearen, al is der gjin inkeld bewiis foar it bestean fan in siele los en apart fan it bewustwêzen, en trochbestead nei de ein fan it tydlik bewustwêzen troch de dea fan de harsens (en fansels nei de dea fan it hele lichem). It liket mij ta dat siele en bewustwêzen yn it godstsjinstich tinken op in betiisde manier foar in part, of helendal, *lykslein* wurde, en dat

siele/bewustwêzen dêr in mooglik bestean ynskikt wurdt *los fan it lichem*, dws. de harsens fan de persoanen. Dat skynt Postma ek te leauwen. Hij kin dêrtroch miskien in religieus dichter neamd wurde, en ferskilt yn dat opsicht net echt fan it kristendom, al is in ‘opperwêzen’ dat fansels bij in godstsjinst heart mar heel skimich oanwêzich yn de foarm fan dy al-geast. Ek bij Postma ûntbrekt de moed om minsk te wêzen, yn dy sin dat jo beseffe dat alles nei de dea finaal ôfrûn is en dat der gjin ‘libben’ nei de dea is. Mar ‘libben’ is hjir miskien net it goede wurd, en better is dan it wurd ‘trochbestean’ as byld, yn de betsjutting dy’t Postma dêroan jûn hat..

It liket mij trouwens ek ta dat syn opfetting fan siele ek net goed trochtocht is. As ‘siele’ ek ‘bewustwêzen’ (en kennis en persoanlikheid) ynhâlde kin, dan giet er foarbij oan it feit dat der yn dat bewustwêzen in ûntjouwing sit, want bewustwêzen feroaret en ûntjout him yn de rin fan in libben, en hat ek dúdlik in *begjin*. De siele bij Postma hat gjin begjin, want dy keart nei syn dea *werom* nei de al-siele, en dy is better net te witten *ivich*, wat dan sadwaande de Postma-siele ek is.

Sa trochredenearend is dan dy Postma-wrâldsiele eigenlik ek in *wrâldbewustwêzen*, dat parallel oan it individueel bewustwêzen him ûntjout en aktyf dingen ûnthâldt as *bylden*. Ek yn dat ljocht besjoen is Postma syn filosofys tinken oan de iene kant dan wol helder (it wrâldbewustwêzen is feitlik op grutte skaal itselde as it Postma-bewustwêzen), mar oan de oare kant knap lestich om yn te leauwen as wat werklik besteands bûten de fantasy fan de dichter. Dat syn ideeën fierder wol wat lykje op û.o. dy fan Plato en heel wat oare antike filosofen, en ek Heymans (mei har ‘wrâldsiele’) mei wol oannommen wurde, al ferwiist Postma yn *syn dichtwurk* noait direkt nei dy Grykse filosoof of oare (eventueel ek modernere) filosofen.⁵ Dat er him dêr bij myn witten yn it *iepenbier* noait oer útlitten hat,⁶ jout stipe oan myn miening dat Postma sadwaande woe dat syn wrâldbyld yn it foarste plak lêzen wurde soe as earst *fan*

Postma sels, en dat Postma dêrom net primêr troch de bril fan Plato of hokker oare filosoof dan ek lêzen, ferklearre en begrepen wurde moat: *wij lêze yn syn dichtwurk gjin Plato of hokker filosoof ek, mar Postma*. Ik haw dêrom bijgelyks bij syn begripen as *siele* of *geast* net daalk Plato opslein, om te sjen wat dy bij dy Grykse filosoof miskien betsjutte, mar ik ha besocht om dy te lêzen en te ferklearjen op grûn fan de wenstige betsjutting dêrfan yn it Frysk en Nederlâns fan Postma syn tiid, en dat allegear oanfuld út de widere kontekst fan it eigen dichtwurk fan Postma. *Ik lês dêrom ek yn dit lêsferslach inkeld Postma, en gjin Grykse of oare filosoof*. Ik wol sicht hâlde op Postma sels, waans dichtwurk ik earst besjen wol as de eventueel *eigen* ferarbeiding fan û.o. syn stúdzje fan de (Grykse) filosofen. Wa’t goed bekend is mei dy filosofen kin dan útsykje en konkreet bewize oft en yn hoefier’t Postma *werklik en oanwiisber* bij har hofkesongen hat, of miskien ek *orizjineel* west hat. Dat soe nijsgjirrich wêze kinne, mar ik sis hjir nochris: lêse *earst* goed Postma sels, en ferlykje *dan* miskien mei Plato en konsorten. It Postma-lêzen mei de Plato-bril op ’e noas benimt ús oan de iene kant it skerp útsicht op Postma sels, en skúnt ús oan de oare kant miskien dingen yn dy’t net yn syn gedichten steane. Ik lêse dan ek hjir wer leaver sûnder sa’n bril. En aldergeloks geane net alle fersen oer dizzenige saken as ‘wrâld-siele’.⁷

As ynliedende opmerking dan ek noch dit: it hele hear fan Postma syn poëzij no oersjend, kom ik ta de konklúzje dat syn filosofise tinkwrâld yn de Fryske dichtkeunst oan de iene kant wol in frij unyk plak ynnimt troch it hieltyd mar wer weromkommen op deselde tema’s, mar oan de oare kant yn earste opslach net echt de yndruk makket fan in nijsgjirrige, útdaagjende en fernijende útwurking en/of oare skikking fan wat er - eventueel - behofkesongen hat bij oare tinkers: syn sterke en allesoerhearskjende langst nei it *bliuwende* hat syn útgongspunt west. Hij begjint syn filosofy mei in op wishful thinking basearde *oanname*, en dat hat dan in soad mien mei wat ik ‘echte’ godstsjinsten

⁵ It is ek opfallend dat sels de tûke Fokke Sierksma yn syn essay *Bern fan de ierde: in essay oer it dichtwurk fan Obe Postma*. (Drachten, 1953) net op Plato of sa komt. Dat seit heel wat oer it absolút ferswijen fan Postma yn syn dichtwurk fan syn eventuele boarnen. Anne Wadman (‘Dichter fan de besibbens’, yn: A. Wadman, *It kritysk kerwei* (Ljouwert 1990) 146-148 [werpr. fan in krantestik út 1958]) neamt Postma in ‘múske’, wat neffens it *Wurdboek fan de Fryske Taal* betsjut ‘grapjas, olijkerd, stiekemerd.’ No hat ‘stikem’ wat in minne bijklank, en dat wol ik Postma net oanwriuwe, mar dat ferswijen fan syn mooglike ynspiraasjeboarnen – wat betsjut dat? Woe er dat gjin wurd ha? Fûn er it net belangryk? Of fûn er syn *eigen* ynbring yn syn wrâldskôging grutter as dy fan de âlde Grieken? Tocht er dat de lêzer it wol begriep wêr’t er it wei hie? Woe er as *Postma* lêzen wurde, en net as *Plato*? Yn ‘**DE IDEE FAN KOARNWERT**’ (1951) lit er fansels mei dat platoanys wurd ‘idee’ (dat er mar yn *ien gedicht* brûkt) wol wat los oer syn oriïntaasje, dat moat ynskikt wurde. Mar dat is it dan ek. Postma moat yn syn 60-jierrich dichterskip ek heel goed beseft ha dat de lju dat eventueel platoanise net oppikt hawwe – en toch liet er it sa gewurde. Miskien hat er ek wol op syn múske-manier wat stille wille hân oer hoe’t al dy kritisi besochten der achter te kommen wat no eigenlik presys syn libbensskôging wie. Mar sjoch ek de folgjende noat.

⁶ *Behalve, liket it, yn in sydlingse opmerking tsjin Tamminga* (‘Kenne jo Zeller?’), doe’t dy him frege nei de oarsprong fan syn wrâldbyld. Zeller is de skriuwer fan boeken oer de klassike Grykse filosofen. Sj. Tamminga, D.A., ‘Ierdske petear’, *De Tsjerne* 8 (1953) 73-77. Dat yn Postma syn *oantekenskriften* bewizen te finen binne dat er ferskillende filosofise wurken ta him nommen hat, en dêr oer ideeën lêzen hat dy’t yn hokker betsjutting dan ek *miskien* yn syn eigen wurk opdúke, is grif in feit. Mar dy skriften wienen absolút net bedoeld foar de iepenbierheid, en it falt trouwens ek net oan te nimmen dat Postma fan syn lêzers sa’n yngeande kennis fan filosofy ferwachte dat se ‘pleatse’ koenen wêr’t er syn ideeën wei hie.

⁷ Yn septimber 2014 hat it Obe Postma Selskip in middei organisearde mei seis jonge dichters oer it tema ‘wat hat Obe Postma mij noch te sizzen?’ It is mij doe opfallen dat gjinien fan harren oan it echt filosofys aspekt fan syn dichtkeunst ek mar ien wurd wijd hat. Foar har wurdt dus de wearde fan syn poëzij net dêrtroch bepaald.

¹ Ut ‘DE DREAM FAN IN LOKKICH LIBBEN IV’ (1909).

² ‘HJERSTICH’ (1931)

³ ‘OP IN LJOCHTE DEI YN SEPTIMBER’ (1958)

⁴ Mar no fansels wol te finen yn de Samle Fersen.

neamd haw. Pas dêrnei kin it echte *tinken* begjinne. Mar ek yn filosofise poëzij moat it rasjoneel tinken foarrang hawwe, mei oannames dy’t bij einsluten yn prinsipe kontrolearber binne. Op myn lêsferslaggen weromsjend kom ik ta de slotsom dat ik de filosofy fan Postma net nijsgjirrich of djipsinnich fyn, en op de lange doer sels ferfeelsum. In te grutte bleatstelling oan ditsoarte filosofys gepoëtisear kin sa’t skynt ferfele. Wat noch wol nijsgjirrich en miskien wat noflik mysterieus djipsinnich lykje kin bij in *út-en-troch*-konfrontaasje mei de poëzij fan Postma, sa’t fansels de measte lêzers him lêze, wurdt lykas yn myn gefal op ’en doer, as men it hele hear oersjen kin, en de boel kreas op in rychje hat, wat ferfelend. It is miskien ek sûner as men him no en dan lêst en *net achterelkoar*, want dan kin men better genietsje fan de wiere dichterlikens fan Postma, want dy is der echt wol. As dichter kin ik in soad fan him hâlde – as filosoof stelt er yn myn eagen aardich minder foar.

Bliuwend is sadwaande lykwols toch wol syn status as – miskien - de grutste Fryske *dichter*, nettsjinsteande syn grif net troch elk fan syn lêzers bewûndere of relevant achte filosofy, en ek nettsjinsteande de (yn myn eagen) gauris breklike *fers*foarm, en de ek gauris net sa fraaie keunstgrepen yn de taal (ûnnatuerlike wurdfolchoarder, en ûnnatuerlike ferkoarting of ferlinging fan wurden, en al dy ‘gekunstelde’ genitiven). Dêrtsjinoer stiet mannich ûnferjitlike manier fan sizzen oangeande dy allesoerhearskjende langst nei it bliuwende, dêr’t ik yn de rin fan de ôfrûne lêsferslaggen kear op kear foarbylden fan bijbrocht haw, en dy’t suver elkenien wol sympatyk oankomme moat. Tamminga mei dan yn myn eagen as *ferskeunstner* grutter wêze as Postma, Postma spilet bij al syn wrâldsiele-monomany troch syn gauris betinkensweardige formulearingen ek net swak bij. Dy rare wrâldsiele nim ik dan mar op ’e keap ta. Ik foegje der fuortdaalk nochris oan ta, dat sa’n wjeraksel tsjin de tinkwrâld fan in skriuwer bij mij net hoeft te betsjutten dat ik him as skriuwer dan net mear wurdearje kin. Sa krige ik bijgelyks bij myn Fryske oersetting fan John Milton syn masterwurk *Paradise Lost* fan 1674 geandewei in grutten hekel oan Milton syn teology, mar myn bewûndering foar dy magistrale tekst hat dat net oantaast.⁸

Postma, sa is myn konklúzje, is as *oersetter* (sa’t ik yn 2009 en 2013 yn dit tydskrift al oantoand haw) yn elk gefal moai wis oerskatten en fertsjinnet it eigenlik net echt dat de Fryske oerseterspriis nei him neamd is.⁹ No makket al te bekend miskien ek minder bemind, mar no’t ik de ein besyld haw fan myn reis troch syn fersen, bekrûpt mij toch ek it ûnnoflik gefoel dat Postma as *dichter* ek wat oerskatten is. De niis al neamde ‘wrâldsiele-monomany’ hat licht in bepaald soarte nei filosofise djipsinnigens longerjende lêzer wat blyn makke foar de wat minder bewûnderensweardige kanten fan syn dichterskip.¹⁰ Wat mij trouwens ek opfallen is, is dat der yn it ramt fan de aktiviteiten fan it Obe Postma Selskip (stúdzjedagen, *Wjerklank*) te min dien is oan de fierdere útdjipping fan de kennis fan Postma sels: as dichter, as dichter-filosoof, en as histoarikus en wittenskipsman. Dy stúdzjedagen gongen bijgelyks mear oer Emily Dickinson en Slauerhoff as echt oer wat Postma dêr no *sels* yn sjoen hat en wat in nij ferhelderjend ljocht smite kinne soe op syn eigen dichterskip. As dat lêste trouwens al fêst te stellen is: út myn stúdzje fan de oersettings fan Rilke¹¹ en Dickinson rôle net samar in parallel tusken dy twa en de dichterswrâld fan Postma. Postma hat wat yn dy twa bewûndere, en fierdere konklúzjes binne slim te lûken.¹² Fan natuerwittenskippen en lânbouskiednis haw ik gjin ferstân, mar myn yndruk is dat wij ek op dat gebiet binnen it ramt fan it Selskip wat oan de krapperein kommen binne wat tafoege kennis oanbelanget oangeande de status fan Postma sels op dy gebieten. In soad fan de aktiviteiten fan it Selskip binne *om Postma hinne* draaid, net liker as gong it om gleone brij.¹³ Ik leau dat ik de lêste tsien jier (sa lang hat it Selskip no bestien) suver de iennige west haw, dy’t heel direkt wiidweidich oer Postma sels skreaun hat: te witten syn fersen en syn oersettings. En dat is wol wat nuver. Mar fansels: Postma syn hammerjen op it *ienwêzen* fan alle dingen yn de natuer yn de ‘stream’ fan it libben krijt yn dizze iuw fan de driging fan klimaatferoaring en it (troch minsklik tadwaan) teloargean fan ús natuerlike omjouwing ynienen toch wer wat aktuele wearde, al hie er dat sels útsoarte net sa betinke kinnen.

2. De net-bondele fersen

Ik sil hjir de net-bondele fersen op deselde manier nei-gean op ynhâld en foarm as yn de lêsferslaggen hjirfoar, en besykje ek fêst te stellen wannear presys syn tinken de kant útgien is fan wat er sa treflik gearfette hat yn de rigels út ‘FAN DE IEENE BOARNE *Lyts dicht fan it lân*’ (1952), dy’t ik ek al brûkt ha om it foarige lêsferslach mei ôf te sluten:

Sa wie it en sa is ’t, der is gjin skied!
Wat west hat en wat is, dat is deselde wrâld;
Ien siele, ien begryp hat alles yn,
Dit is it suverst lok; ien mei natoer,
Mei alle libben ien, ien mei de Geast
Dy’t alle libben draacht!

Yn de earste oanhaal ûnder de titel fan dit stik is feitlik it earste fers al neamd en behandele. Yn ‘MYN FERSEN’ (1912) ferwiist Postma nei in petear mei in ‘ferneamd Hollânsk dichter’,¹⁴ dy’t syn eigen fersen, seit er, letter as ‘âlde fodden’ weismyt en net mear kenne wol. Sa net Postma, dy’t skriuwt ‘My binn’ myn fersen jierren âld, / Fan ’n lokkich eagenblik ’t ûnthâld.’ Mei oare wurden: hij lêst se graach letter opnij om dat loksmomint werom te heljen. Hij komt op dat ûnderwerp in heel set letter trouwens werom yn ‘ JO LEZE FEST IN BULT YN JO EIGEN GEDICHTEN?’ (1953). Datselde idee komt ek wer werom yn ‘PRINTEBOEK FOAR REIN’GE DEI’ (1922), dêr’t wij lêze ‘In printeboek foar grutte bern: / Net oars woe ik ’t ienfâldich dichtwurk ha; / Om te besjen in reinich middeisskoft –’.¹⁵ Ek hjir wer dus dat opnij belibje wollen, dat alle minsken eigen is, fan in foarbij loksmomint.

Ik wit net goed wat ik mei ‘UZES’ (1923) oan moat. Ljocht, wyn, fûgels en blommen en ek de eleminten wurde neamd as ‘uzes’, en is dat alles net ‘Stoffe foar it grutte boartsjen / Oan it hert fan de natoer?’ Dat spilet allegear mei yn ús libben en dan komt wat ûnoankundige ynienen it leauwen ‘Wat yn ’t fier ferline wraamde, / Libbet wer yn jonge dei.’ Soks komt ús njonkelytsen wol wat bekend foar, mar is yn dit fers yn sekere sin wat in ûnferwachte meideling, want der is hjir (noch) gjin ferwizing nei in ‘al-geast’ of sa, dy’t al it foargeande bewarret as ‘byld’ of hoe dan ek. Der stiet inkeld ‘alle ieuwen boartsje mei’, wat fansels in heel oare ferklearring is foar it tiidloaze yn de dei fan hjoed: alles wat is, is ûntstien troch wat yn it ferline gebeurd is. Foar dat leauwen yn tiidloasheid is sadwaande gjin ‘al-geast’ fereaske. Dan ek noch dit: ‘Uzes¹⁶

binne siel en sinnen / Ta in heger wêzen groeid’, wat mij wat sweverich foarkomt, mar faaks ek wer op in leauwen slacht dat de *dualiteit* fan it stoflike en ûnstofflike ôfwiiist, en sadwaande (it is al faker ûndersteld) op in *monistise* libbensskôging wize kin. Mar troch ús ‘redelik besinnen’ bloeit it ‘kleare witten’ op, dat mei ‘de langstme’ en ‘de leafde / Foar wat lyk en ûnlyk hâldt’ ‘[j]immer wider rûnten’ wint: ‘Sibben, heitelân en wrâld.’ Dit was nuvere gedicht is dan wol wer in typys Postma-idee fan alles oan-nimme en leafhawwe.

In pear net al te nijsgjirrige gedichten oerslaand, kom ik bij ‘DE SLACH FERLERN’ (1925), in wat opfallend gedicht, net omdat it sa bysûnder moai of djipdollend is, mar fanwege it ûnderwerp. Postma is ûndertusken sa’n 57 jier âld, en hat sa’t skynt it beslút nommen om mar net hieltyd wer oer de greiden te skriuwen, en dus net foar dy ‘leffens’ te swichtsjen. Mar ... hij kin it net litte en fielt him ‘in skuldich feint – / Dy’t brekt wat hy ferseit. / En dy’t as d’ âlde kriichsmacht komt / As in bern tsjin syn leger leit.’ Dy ‘kriichsmacht’ sille dan wol ‘it laitsjende fjild’ wêze en de ‘hynstebloom’, en de ‘rook’ fan it lân – en dat ‘leger’ is (sa fetsje ik dat op) sil dan wol it greidegers wêze, dêr’t er him op delflijt. Hij kin it net litte ... ‘PEASKE’ (1926) is dan wer sa’n gedicht dat sa’n ferlerne slach illustreart: de sneins- en moaiwaardichter Postma, de pinkster- en peaskedichter (dat wienen de frije dagen dat er blykber nei Fryslân reizgje koe) stelt him wer iepen foar alles yn de greide:

Ik draach it mei: fan tûzen-dagene¹⁷ string
It blide ljocht; fan minskelibbens tiid
Al foarjiers groede en bloei; de hege wyn;
De fiere dreamen fan it machtich wiid.

Yn ‘DESELDE SANG’ (1926) komt – de titel seit it al – besjongt Postma ek alwer itselde: ‘it blomt oan de wegene¹⁸ kant’, it ‘jimmer weagjend reid’, ‘it griene fjild’. Dan:

As dan oer jimmer selde sang
My komt de freonene¹⁹ klacht,
Ferjou! it is ien machtich byld,
Dat heel de siel beslacht.

Wat sa it oare wêzen naam
Kin net syn wegen gean,
Mar moat yn ivichheids ûnthâld
As ien begryp bestean.

^[1] Sjoch myn oersetting It Paradys Ferlern; Utjouwerij Fryslân, Ljouwert; 2009.

^[2] Ik helje hjir even de wurden fan Freark Dam oan, as er yn in stikje oer Schurer as fertaler (sj. LC 1995, 23 juny 1995) seit, dat it him ‘efterôf muoit, dat de yn 1984 ynstelde provinsjale priis foar oersettingen de namme fan Obe Postma en nèt dy fan Fedde Schurer krigen hat’ – want ja, hij hat gelyk: Schurer is de bettere fertaler.

^[3] Dat ‘longerjen’ nei dat type djipsinnigens liket trouwens wol wat ta te fallen, alteast as ik ôfgean mei op de meidoggers oan de poëzij-middei te Koarnwert op 12 maaie 2013. Dy rjochten har, krekt as de seis neamde jongere dichters yn de op ien nei foargeande noat, op oare aspekten fan Postma syn wurk as al dat gedoch oer ‘wrâld-siele’.

^[4] Ut wat ik sjoen haw fan de plannen foar de net-trochgiene Rilke-dei kin ek ôffieden wurde dat Postma sels dêr net, of suver net, oan bod kommen wêze soe.

^[5] It feit dat Postma yn in oantal gefallen taal en/of ynhâld fan de oersette gedichten net goed fette hat, smyt ek in net al te posityf ljocht op it aard fan dy bewûndering.

^[6] Ik ha ek sterk de yndruk, as bûtensteander op it gebiet fan de natuerwittenskip, dat Postma syn wurk dêr folslein fergetten west hie, en dat net sûnder reden, as er net in sekere namme holden hie, en dat wol mei seker heel wat reden, as Frysk dichter.

It is mij net dúdlik wat er no krekt bedoelt mei ‘it oare wêzen’, mar de lêste strofe is hjir, yn de net-bondele fersen, yn 1926 de earste oantsjutting fan syn leauwen yn in ‘ivichheid’, dy’t alles ûnthâld yn ‘ien begryp.’ Dat leauwen wie lykwols yn *Fryske Lân en Fryske Libben* al yn 1921 yn de kearn oanwêzich (‘MYN LIET’ (1921), al waard it dêr yn de wurden ‘De siele, dêr’t ik part oan haw’ net ferdúdlike, en sille de lêzers fan doe dêr net folle fan meitsje kinnen hawwe:

It is myn ierde, eigen grûn,
It is it goede ljocht,
De siele, dêr’t ik part oan haw:
In bern, ta wêzen brocht.

Yn datselde jier ferskynt ‘OP SOKKEN DEI’ (1926), dat bijgelyks bij de ûnthulling fan it boarstbyld fan Postma yn Tresoar (2014) troch Willem Abma sa’n omtinken krigen hat.²⁰ En it is dan ek werklik in fers dat mear as ‘DESELDE SANG’ besiket om te ferdúdlikjen wat Postma syn filosofy no werklik ynhâldt. It is fansels wer it bekende tema fan in kuier troch de greide,²¹ en hij rint oer in ‘blanke reed’, en syn ‘siel bespant it gea.’²² Dat is wat mysterieus sein, mar it betsjut grif dat Postma alles yn *syn ferbylding* yn him opnimt, en dan sjocht er mear as it sljochtweihinne folk: hij sjocht om samar te sizzen in *tiidloas* doarp mei in ‘stins, út âlde ieu’, want wat der foar him opriist is

[...] gjin doarp as oare, boud fan klaai
En reid; ’t kin net as hja fergean;
In byld, begryp, wat namme moat it ha?
Mar ’k wit, it sil yn ivichheid bestean.

Op grûn fan ús ferwurven kennis yn de fiif foargeande lêsferslaggen sille wij no riede kinne dat de wurden ‘byld, begryp’ hjir sa likernôch steane foar de tiidloaze herinnering fan de al-siele. Foar de lêzer sûnder euveldoed fan 1925 sil dat frij ûnbegryplike abrakadabra west hawwe. Postma giet dan fierder:

Ien part is uzes: Goddelike jeft’
Sa fêst te hâlden yn ien byld wat wie,
En mei te bouwen oan in macht’ge stêd,
Wêr’t wente hat wat ierdske stalte hie.

Postma sjocht hjir ‘dûbel’: hij sjocht tanksij syn ‘Goddelike jeft’ ’ it doarp sa’t is is, mar ek sa’t it troch de tiden hinne west hat (en ek noch *wurde* sil, trouwens) – dat

grif fanwege syn lânbouhystoarise stúdzjes, al sil net elke lêzer dat destiids witten ha. De lêzers fan *It Heitelân* sille hjir wat nuver op omstammere hawwe, en net begrepen hawwe dat Postma hjir in doarp sjocht as ‘byld’ sa’t it yn it ivich al-ûnthâld bewarre wurdt, dêr’t ‘wente hat wat ierdske stalte hie’.²³ Dat is heel moai sein, mar ek frijwat ûnbegryplik foar wa’t soks destiids ûnder eagen kaam. Postma hat pas op hege jierren tsjin Douwe Tamminga in oanwizing loslitten²⁴ dat er syn filosofy ûntliend hie oan de Grykse filosofen. It foarrjocht fan dy kennis hienen de lêzers fan Postma net, en seker net yn 1926, dat we meie stelle dat Postma hjir de lêzer aardich op de doele bringt en ik nim oan dat dy lêzer grif besocht hat om dit fers sa goed sa kwea yn te passen yn it doe noch frij algemien hearskjende kristlike wrâldbyld. Wat fansels toch net goed slagge.

It wat barokke ‘GJALP’ fan 1925, mar publiseard yn 1927, liket mij suver it iennige fers fan Postma dat echt wêzentlik en mear ienpenlik yngiet op wat er ornaris inkeld oanstipt hat mei de wurden ‘spyt’ en ‘smert om lytsens’, nammentlik *de swiere sile fan in minskelibben*. Hij hat it oer it

Godlike, leave, leed tefrettene libben,
It smertlik foldragene, himmel foarskôgjende,
Triljend trochwraamde, goudglâns oerstriedle!

dat dan wer mei de wurden ‘Godlike’ en ‘himmel foarskôgjende’ de lêzer op de doele bringt troch de suggestje dat er kristen is. Dat docht er noch mear yn dizze rigels:

O sjoch yn it westen de poarperen ljochtskyn.
De strielen pylkjend út goudene skylden;
Noch bloeit foar my op it skienste ferrizen,
De bôge dy’t ierde en himmel ferienet!

wêryn’t er liket te ferwizen nei de *reinbôge*, yn it âlde testamint it symboal fan Gods ferbûn mei de minske (Genesis 9: 16). Ik sjoch earlik sein gjin inkelde oanwizing om *dizze strofe* en it fers oant safier oars as yn kristlike sin te interpretearen, wylst wij yn breder kontekst no wol witte dat Postma helendal gjin kristen wie. De bedoeling is fansels dat foar Postma ierde en himel *ien* binne, en net twa aparte dingen, lykas yn de kristlike opfetting. Alwer in riedsel sadwaande foar de argeloaze lêzer. Ek de lêste strofe

Moarn sil ik, moarn sil ik... o bernlik besiiikjen!
Wat sil ik oars as wrakselje mei ’t libben,
Sa’t it my draacht en weagjend wer del smyt,
Minskene ierdske bestimming folbringend?

lost it riedsel net echt op, want al is foar in kristen syn lêste bestimming de himel, hij moat ek earst syn ierdske bestean folbringe (foardat er dy reis nei de himel makket). Inkeld dit gedicht kennend soe men Postma in kristen neame kinne.

Nuver genôch is ‘DE LIEREMAN’ (1927) dan wer in gedicht dat âlderwenst *inkeld* it moaie en goede fan it libben besjonge wol. De liereman is fansels Postma sels, dy’t mei syn fersespul, as wie it in kykkast of liere, de minsken wat moais bringt, de minsken har ‘eigen spul’ sjen lit, en dan ferdwynt bij harren ‘[f]an jierren wramens de heugenis / [...] út de siele’, ‘En ljochte dagen, frjemd ferspraat, / Haww’ har ta ien ferbûn.’ Fansels altyd wer dat ‘ljocht’ as oanstichter fan in loksfielen, dat ‘it bleke hjoed’ wat opkwikt.

Yn 1928, Postma is dan 60, sjocht er al op syn libben werom en skriuwt er ‘NOCH IN JIER, NOCH IN DEI’ (1928), en dan jout er toch wer in lyts bytsje bleat fan himsels. Hij liket wer yn in iepen fjild te stean, dêr’t er fan himsels seit, hij ‘woechs [net] frij op: / In beam fan ljocht bespield.’ Nee, syn groei begearde ‘wynfêst skûl’, en kromp ‘as gloede striel[de]’. Gjinn grut en meislepend libben hat sines west, earder wat skrutel, wat er letter ek mear as iennis betreure soe.²⁵ Mar toch – ‘it tearste lok’, en ‘[a] ierde’ bliidste skyn’, dat hat er ûnderfine mocht, en ‘simmers lije sigen’ hat him ‘ljochtste kriter’ yndroegen. Sa kenne wij him wer, de kuierder troch de sinnige greiden, yn in fers dat wat tinke lit oan ‘LOK’ fan 1916. Dat wurd ‘himmel=himel’ dat al ferskillende kearen neamd is, komt werom yn ‘OKTOBER’ (1931): ‘Ik kin net helpe dat de dream fan lok, / Wêrút wy nei de himmel gean, /

Is bûn oan ’e ierd’, sa as hja leit / Dêr grien yn ’e âlde steat’. Dit liket diskear dúdlik, en dat wisten wij fansels al nei it foargeande: de *himel* is hjir op ierde te finen en is in metafoar fan it uterst lok, en tsjut net op de kristlike himel, ergens fier boppe ús. Wat gedichten oerslaand, mei inkeld in pear der útspringende rigels, kom ik no bij ‘DICHTER’ (1938), in kwatryn:

Net jimmer kin er wêze machtich bouwer,
Fan ierde en himmel begenedigd skouwer;
Mar faker, yn in boartsjen en in dream,
Net oars as fan wat bernlik lok de jouwer.

wêryn’t Postma, de leauwer yn de wrâldsiele en de wiisheidsiker, yn mylde relativearing himsels inkeld de ‘jouwer’ neamd fan wat ‘bernik lok’, wat dan gauris delkomt op de beskriuwing fan kuiers – meastal op moaie sinneskyn maitydsdagen – troch de Fryske greide. Dat lok jout en beskriuwt er foar de lêzer, en hij breidet dêr noch op troch yn ‘IT TESTAMINT’ (1938), dêr’t er (yn it ramt fan wat in ‘âld ferhaal’ hjit te wêzen) in part fan syn eigen testamint neamt: ‘Oan dy’t net jong mear is jou ’k d’oantins fan har jeugd; / En grutte dichters sang, trochstrield fan jonkheids gloed’. Dàt is yndie de Postma dy’t ek no noch wurdarre wurdt, de dichter fan de ‘oantins’ en ‘jonkheids gloed’ – wylst ik net de yndruk ha dat al dy oare healwize ûnsin oer dy ivige wrâldsiele de minsken oansprekt.

‘IEPEN WRALD DICHTERS’ (1946) is in opmerklik gedicht oer syn eigen dichtstof – hij is, seit er, ien fan dy ‘iepen-wrâld dichters’, sa’t er ergens oer lêzen hat, dy’t ‘rûnom mar oer / dichte kinne, / En dy’t net sa folle jouwe om rym en om mjitte; / Ommers, de wrâld leit foar har iepen en op it heech / muzykjen hoege hja net te wachtsjen.’ Op syn ‘âlde dei,’ seit er, ‘soe [er dêr] foar útskolden wurde kinne.’ Oars sein, it ‘heech muzykjen’ en ‘skiene byld’ is net syn earste doel, mar dy ‘skiente’ bestiet foar him dan mear út ‘âlde printen dy’t [s]yn jonkheid / ljocht makke hawwe.’ Dat binne dan fansels wer de oantinkens oan al it moaie yn de jonkheid garre, dy’t ek poëzij binne, en syn freugde. En de wrâld leit om sokke dichters hinne, de ierde, dy’t syn fuotten ‘betrape hawwe, [syn] hannen / beskeard en bedold. / Dat binne de eleminten, fjouwer, dêr’t [sokke dichters] mei boarte hawwe / en wraksele. / Dat is it libben út ’e ierde fuortkomd, lyts en earmhertich, / grut en gloarjend. / Dat binne ek ljocht en tsjusternis, dea en ûneindichheid. / En dan mar de iene sjonge en de oare stammerje.’

Dat Postma letterlik ‘rûnom’ oer skriuwe kin, dêr set ik in fraachteken bij, mar hij bedoelt fansels dat der ek yn it lytse en earmhertige wat gruts en gloarjends sjoen wurde kin. Gjinn nij idee fansels hjir, mar wol wer op in nijsgjirrige manier brocht. En dan dat ‘LJOCHTE MOARN YN ’E FINNE’ (1948) fan de dan 80-jierrige dichter, dat ek al sa’n opmerklik fers is. Al wer oer in kuier yn de finne, hoe kin it oars, en hij fernimt de ‘waarme gloed, it ljocht’, dat foar him in ‘himmelfal’²⁶ is, en hij sjocht it út de grûn opfierde libben. Dan folget der in soarte fan *credo*:

O groede suster, ierde mem, God ljocht,
(It is dochs mear as h e i t? Dy sloech ik oer
Yn ’t wrâldbestel sa’t ik it foar my brocht.)
O ljochte trits fan ’t goed dat my wjerfoer!

²⁰ Abma syn analyse yn it begeliedend boekje giet wat tefolle oer himsels. Hij is trouwens net de iennige dy’t him yn it kommintaar op Postma net strikt oan Postma syn eigen wurden hâldt.

²¹ Hjir no ris bij wize fan útsûndering yn de *hjerst*.

²² Ek hjir liket der gjin ferskil te wêzen tusken *siel* en *geast*.

²³ **Dws, dat alles wat hjir bestien hat, in plakje fynt yn it al-ûnthâld.**

²⁴ Tamminga, D.A., ‘Ierdske petear’, *De Tsjerne* 8 (1953) 73-77.

²⁵ Sj. ‘IPE DOUWE’ SOAN’ (1941): ‘smert om lytsens kurf syn marken yn.’

²⁶ Ferlykje ‘PINKSTERSNEIN’ (1901), dêr’t it lok dat op de dichter delsaait ek mar sabeare út de himel komt.

dat wol heel slim ôfwykt fan de kristlike ‘trits’ fan heit, soan en hillige geast. Opfallend is, om te begjinnen, dat hjir net de wrâldsiele of al-geast neamd wurdt, mar wol yn de tredde strofe hjit it ‘albewâld’, wat miskien itselde is:

Sa rûn ik dêr, in dierke yn Gods wrâld,
In bern allyk dat wit fan tsjoed noch from;
It nimt de oefte oan fan ’t albewâld,
En hat de free en sjocht nei wet net om.

Mar wat moatte wij hjir fierder mei oan? It kristlike dogma fan de trije-ienheid is de bekende, mar wol ûnbegryplike, manier om mei in nuvere ferbale gûcheltrûk dat oare dogma te ferdedigjen, dat der toch mar *ien* god is. Mar is Postma syn wrâldskôging wol dúdliker? Nêst in eventuele ferwizing nei de al-geast, hawwe wij hjir de no wol bekende opfetting dat it ljocht in soarte fan skeppende faktor is,²⁷ metafoarys ‘God’ neamd. Nêst God-ljocht, toch grif opfette as de skepper fan al it libben, wurdt lykwols ek de mem neamd, dy’t dan miskien beskôge wurde kin as de draachster-ûnfangster fan it troch it God-ljocht skepen libben, en dy soe dan beskôge wurde kine as de ‘mem’ fan Postma yn romme sin.²⁸ Mar dan lykwols dat ‘groede-suster’²⁹ – de suster wêrfan? Dat soe se dan wêze kinne fan de ierde-mem, wat ik frij ûnwierskynlik achtsje. We kinne dat ek opfetsje as de ‘suster’ fan Postma sels yn romme sin: as de ierde syn ‘mem’ is, dan is alles wat út de ierde opgroeit is, dy ‘groede’, en dat is Postma sels ek, dy’t dy groede sadwaande beskôget as suster. Dat byld wringt lykwols frijwat, omdat er net nêst dy groede stiet (as ‘broer’), mar dêr *ûnderdeel* fan is. Syn ‘trits’ is dêrmei suver like ûnbegryplik as de trits fan it kristendom. En dan dat ‘wet’, dêr’t grif in wjerklank yn opklinkt fan it begryp ‘wet’ fan it kristendom, en yn rommere sin de regels en ôfspraken dêr’t men him yn it libben oan te hâlden hat. Yn de lêste strofe bewear Postma, earst neamd in ‘bern allyk dat wit fan tsjoed noch from’, dan dat er ek ‘de wet betocht’ hat en it ‘kweade’ beneamd hat en it ‘goede goed’ neamd. Dêr falt wol wat op ôf te tingjen, want syn dichtwurk kin net samar opfette wurde as in leare fan goed en kwea. En dy begripen ‘goed’ en ‘kwea’ binne fansels net op te fetsjen as religieuze begripen, mei noch de implikaasje dat ‘kwea’ en ‘sûnde’ suver synonimen binne. Ik leau net dat wij bij Postma echt in dúdlik antwurd krije sille op de fraach, wat út in *minsklik* perspektyf wei, en net út in boppe de minske steand algemien gesachhaw-

wend *religieus* perspektyf wei, no ‘goed’ en ‘kwea’ binne. ‘TACHTICH’ (1948) is in myld en oantreklik stikje sels-spot oer in ‘licht âldmantsje’ (hijzels), en gjin earnstich ‘âld man, dat is ommers as in profeet; / Hy sil net fan himsels sjonge, mar hy neamt de earmhertigens / fan syn folk, / En in finger riist grut omheech; oant faaks ien fan syn folk / him treft en delslacht.’

It sympatike mar net yndrukwekkende ‘AL MYN LIBBENS FREUGDEN’ (1951) neamt achterinoar in pear ‘freugden’, lykas de prunusbeam, de wolkens, de ‘attinsje’ (hortensia), en bijgelyks de oantinkens oan syn âlden en pake en beppe, om dan wat ûnferwachts en riedselich te einigjen mei de wurden ‘O, en faaks is it eat fan de dream fan de fromme / As er de ingels har blanke wjokken iepen tearen sjocht.’ Dy wurden binne dúdlik in ferwizing nei in fromme kristen, mar dat wie Postma net. Ik leau dat wij dit riedsel oplosse moatte troch de klam te lizzen op ‘*eat fan de dream*’: Postma fergeliket syn dream oer grif it letter gearranen fan syn siele mei de al-siele mei de droom fan de kristen oer syn himelreis. Dat kin ik witte troch myn kennis sa njonkelytsen fan syn libbensskôging. De lêzer dy’t dit sûnder euveldoed ûnder eagen krijt, sil dit net sa begripe en tinke dat hjir in fromme kristen oan it wurd is. Ik ha der al faker op wiisd dat Postma syn lêzers wolris op ’e doele bringt yn ditsoarte saken.

‘MYN POEZIJ’ (1951) hat as ûndertitel krigen ‘*Nei oanlieding fan in útlitting fan Jan Melles / yn ‘Libbensleare for de Fryske nasjonalist.* ’’. De wiidweidige strideraasje hjiroer mei Tony Feitsma³⁰ sil ik hjir net opikkerje as net ta de saak dwaand. Jan Melles Van der Goot skreau op side 5 fan syn boek ‘Mar lit ús earlik wêze, yn dy tiid, dy’t Obe Postma yn syn dichtwurk sa *moai en suver*³¹ foar ús bisjongt, wierne wy lang net altiten lokkich. Ek do hiene wy út tsjinstuiten en tobeksetten, ús fortriet en lijen en skrieme koene wy do better as no.’ Van der Goot seit hjir dus letterlik yn in adferbiale bepaling dat Postma in bepaalde tiid ‘moai en suver’ besjongt. Dat is wat oars as dy tiid sels ‘moai en suver’ te neamen. ‘Myn poëzij is de dream fan in sneinteneimidei as / de sinne skynt’ skriuwt Postma hjir, en dat komt ús fansels stadichoan bekend foar. Mar hij seit fuort dêrnei, yn in soarte fan gearfetting fan de boppe oanhelle rigels fan Van der Goot ‘Nee, dy dagen wienen net altiten lokkich, mar ek wol ris mei / tsjusterens en fertriet’ en dan ek noch ‘Mar it libben fan de man hat net wurde kinnen wat it wêze / moast, / En de man hat tagong socht ta herinnerjens kostb’re / gielgoerde’ – wat opnij in utering is fan de spyt oer hoe’t syn libben

ferrûn is, en ek wer in nije formulearing fan de boarne fan syn dichtwurk. Pas syn âlderdom hat ‘mei wat wiisheid oerwinne kinnen, / En foar wat ‘moai en suver’ hjitte hat hja de dingen fan de / minske steld’. De *dingen fan de minske* ... steld tsjinoer *wat moai en suver* is. Ik leau dat Postma Van der Goot hjir wat ferkeard begrepen hat. Of ferkeard oanhellet, want de *adferbiale* modale bepaling bij it wurd ‘bisjongt’ is hjir in *adjektivys* predikaat wurden. Mar it boadskip is wol helder: syn dichterskip hjit dan te gean oer *alles* wat bij de minske heart, dêr’t dan wer tsjin ynlein wurde kin dat syn fersen toch almeast oer de sinnige sneinteneimiddagen of hjeldeineimideidagen geane, en net oer ‘tsjusterens en fertriet’.

In oantal lêsbere en sympatike gedichten oerslaand dy’t hjir fierder gjin ferlet fan kommintaar hawwe, komme wij no bij ‘JO LEZE FEST FAAK YN JO EIGEN GEDICHTEN?’ fan 1961, dat in reaksje is op in opmerking fan Ype Poortinga. Postma is dan 92 of 93 jier âld, en it is nijsgjirrich hjir nei te lêzen wêr’t de dichter sels hieltyd wer nei weromkeart, omdat dat in ynsjoch jout yn wat him werklik oangiet. Hij lêst it meast yn de ‘lêste helt’ fan syn fersen, want hij wie al âld ear’t er ‘djipper / trochskôgje koe.’ Hij neamt ‘De hege dyk lâns’ (1907), in ier fers oer de ‘lytse swalkers’ dy’t ‘ominoar ta[krûpe]’ foar oanhâld yn dit libben, mar djipper snijt in fers dat ‘tinzen oer dea en ivichheid / bringt’: ‘Fuortgean’ (1943), mei syn leauwen dat ‘ús stalten fan it Al-betinken yn ien byldberik / gearbrocht en omfieme wurde sille’ en dat er inkeld as ‘byld’ bewarre bliuwe sil. Dan in antwurd op de klacht dat dat ‘fersespul’ altyd oer itselde giet: ja, fansels, it giet oer it ‘Fryske lân en libben’, ‘[m]ar de grutte boarne is de mienskip mei de libbene natoer om / jin hinne...’ mei dêrnêst ‘de ienens mei it ferline’. Hij neamt dan ‘Mienskip’ fan 1926, mei de wurden ‘En al wat hjir troch bloei en stjerren gong,’ (de minsken dy’t foar him libben) dat dan gearkaam yn him, suver as produkt fan de oan him foarôfgeande libbens. En ek ‘Foarjier’ (1927) wurdt neamd mei de ‘fiere faar en moer’ dy’t him de leafde foar ‘it ljochte foarjier’³² skonken hawwe. Dy beide fersen bringe ‘eat fan de ynderlike essinsje fan / dizze poëzij’, sa seit er. Mar de siele fan de minsk wol ek heger gripe en him ‘ferbûn’ fiele ‘mei it grutte en ivige’, om dan ‘part [te hawwen] oan it alomfetsjende begripen of [...] diel [te wêzen] fan / in al siele’, sjoch it fers ‘EIN’ fan 1935, mei dat net sa fraaie kompakte ‘ferstoarne geslachten’ wêzens skyn’ / dy’t opnomd wurdt fan de ‘weagjende siele.’

Sa jout dit fers in moaie gearfetting fan wat Postma de essinsje fan syn poëzij fynt: syn leauwen yn de mienskip fan en mei de minsken, fan no en fan foarhinne yn it ferline, ek mei de libbene natoer, en op in heger plan, de mienskip of it ien-wêzen mei in ‘al-siele’. Dat is fansels

wat wij al dwaande ek al fêststeld hienen. It fers ‘STROFEN UIT DE NALATENSCHAP VAN ANDRIES DE HOGHE’ (1962) is wer in mooglike oanwizing fan it yn wêzen miskien homoseksueel aard fan Postma. Hij neamt dy strofen fan Boutens ‘it skienste fan de Hollânske dichtkeunst’, mar dy mochten net opnommen wurde yn syn samle gedichten, en der moast in ‘teltsje’ bij betocht wurde en in skûlnamme, hoewol’t der neffens Postma gjin skande iepenbier makke waard. Dy strofen geane dúdlik oer de leafde tusken twa manlu, ‘in leafde sûnder wettich hûs’,³³ en ûnder oaren wurde dêr neamd David en Jonathan³⁴ en Buonarotti (= Michelangelo), dy’t ek wol achte wurde homoseksueel west te hawwen. Mij interesseart it mooglike homoseksuele aard fan Postma net, al is it wol opfallend dat er hjir sa dúdlik syn miening útsprekt: ‘Waard der dan in skande yn dy strofen iepenbier makke?’

3. Oereiding

Ik ha eigenlik wat spyt dat ik mij net oan myn oarspronklik plan holden haw om *alle* gedichten fan Postma *kronologys* te lêzen, want yn dit lêsferslach doch ik bepaald wurk wat dûbel, troch wer fan it begjin ôf syn wurk (dws. de net-bondele fersen) troch te gean. Echt nije ynsjoggen biede dizze fersen net, al is it wol sa dat der inkeld bij binne dy’t út in oare ynfalshoeke in heel nijsgjirrich ljocht op bekende saken smite. Sa bringe ‘OP SOKKEN DEI’ (1926) en ‘LJOCHTE MOARN YN ’E FINNE’ (1948) yn algemiene sin gjin nijs oer it wrâldbyld bij Postma, mar jouwe se wol in aardige oanfolling. Ik sis der daalk bij dat foaral it twadde gedicht ek wer fragen opsmyt, want dat fers lit him net sa maklik trochgrûnje. Ik kom yn in aparte bijdrage yn it gearfetsjende slotbeskôging noch werom op it folsleine dichtwurk fan Postma.

4. Foarm

Ik sil de lêzer hjir fierder net lestich falle mei wer itselde soarte foarbylden fan *ûnfryske wurdfolchoarder* (om it rym op it goede plak te krijen), *frjemde genitiven*, *ûnnatuerlike ferlingingen* fan wurden en dito *ynkoartingen* fan wurden (beide om it metrum te rêden) – allegear saken dy’t men ûnder ‘dichterlike frijheid’ beflappe kin, mar dy’t ik persoanlik net sa wurdearje kin.

²⁷ Ja, metafoarys. Nettsjinsteande wat ik yn de ynliding oer dat ‘God-ljocht’ skreaun haw, is it net oannimlik dat Postma de sinne letterlik metafysise godlikheid taskreaun hawwe soe. Dan soe feitlik inkeld de wrâldsiele in metafysys bestean tadichte wurde kinne bij Postma. Dat falt dan wer wat ta ...

²⁸ It wurd *ljocht*, oait troch mij in ‘kaaiwurd’ neamd, komt dan ek ûntelbere kearen foar yn it dichtwurk fan Postma, nêst bgl in foech synonym as *blank*.

²⁹ Groede = groei.

³⁰ Sj. Feitsma yn *Trotwaer* 1980 (s. 12-65); Van der Meer 1982: *Trotwaer* 1982, (s. 235)

³¹ Myn skeanprint.

³² It wurd ‘foarjier’ komt, as ik goed teld haw, 30 kear foar yn it orizjineel wurk fan Postma.

³³ Doe noch bij de wet ferbean en strafber.

³⁴ Ferl. II Samuel 1: 26, dêr’t sprake is fan de leafde fan Jonatan dy’t ‘wûnderliker’ is as dy fan froulju.

By it ferstjerren fan Fokke Plat en Sytse ten Hoeve

*As wy fuortgean - oer bliuwt libben en ljocht,
Oant fersinke himmel en ierde.
Dan mei' de Uneindige riede.*

Ut: 'As ik fuortgean' fan Obe Postma

Jan Gulmans

Fokke Plat (1938 – 2016) en Sytse ten Hoeve (1945 – 2016) binne net mear. Allinne yn ús ûnthâld bliuwe sy oanwêzich. Beide ha it nedige dien foar it Obe Postma Selskip. De earste hat inkele artikels skreaun foar *Wjerklank*, de twadde hat de dielnimmers rûnlaat op inkele fan de OPS-reiskes en meiholpen subsydzjes binnen te heljen. Beide wiene it kenners fan it poëtysk wurk fan Postma. Yn Fokke ferlieze wy in unike, humorfolle, trouwe kammeraat. Yn Sytse ten Hoeve in aardige, belutsen en uterst kompetinte kenner fan Fryslân, de âlde Fryske tsjerken (preekstuollen!) en fan syn wenplak Nijlân.

Fokke Plat fertelde my koart foar syn ferstjerren, hoe't hy weromseach op syn stúdzje oan 'e teologyske fakulteit te Leiden en, letter, op syn stúdzje klassike talen oan de letterefakulteit. Alle dosinten passearden de revu. Ek Fokke Sierksma, de grutte bûtensteander yn it teologyske fermidden. Fokke folge jierrenlang de kolleezjes fan dizze Fokke S. – in útsprutsen atëist – op 'e freedtomiddei. Syn hiele libben hat Fokke in wat ambivalente of twaliddige ferhâlding hân mei Fokke S. Doe't der inkele jierren lyn in boekje útkaam fan Rypke Sierksma (de soan fan Fokke S. en syn frou Sjouk), wie Fokke P. wer lang hielendal ûnder it beslach fan persoan en wurk fan syn nammege-noat Fokke S. In oerienkomst tusken Fokke P. en Fokke S. wie it besef, dat de minske mar in earmoedlijer is en dat it lânskip en de poëzij de boarnen fan treast binne. Wa soe dêr tsjinyn gean doarre? Mei Fokke Sierksma hie Fokke Plat gemien, dat se libben mei it dichtwurk fan Obe Postma, de master fan 'e Fryske dichtkeunst. Doe't ik Fokke frege wat nei syn betinken it moaiste gedicht fan Obe wie, kaam hy yn earste ynstânsje mei it gedicht 'Boerehûs'. Hy frege my dat gedicht foar te lêzen. De lêste strofe giet, lykas bekend, as folget:

De hjerste jûn stiet oer it ienlik fjild;
De moanne blinkt oan klare easterloft;
Ljocht jout it op út sleat en fuorge lin' –
Fan einen noch komt der wat let geroft.

Sa'n strofe wie yn 'e eagen fan Fokke sublym, dat wol sizze foarby wat de gewoane taal útdrukke kin. Hy koe

sa'n strofe út 'e holle. Dat jildt ek foar it gedicht 'Ofskie', mei de strofe:

It fine lichem, no in griis te sjen,
Leit sûnder macht. Mar yn 'e eagen blinkt
It goede ljocht, en rook komt fan it fjild;
Wat ea myn leafde hie, giet my foarby.

Op 'e roukaart stean as motto de lêste twa rigels fan it gedicht 'Lok': 'As dit eigen libben bloeide / Nei syn aard, dan is it goed'. Sa is it.



Fokke Plat (1938 – 2016)

Sytse ten Hoeve wenne yn it hert fan Nijlân, net fier fan de skoalle, de tsjerke en de pastorij. Hy, krekt as syn twillingbroer Hendrik, waard berne te Ljouwert op 25 oktober 1945. As bern wie Sytse al in nijsgjirrich jonkje. Doe't hy 12 jier wie stapte hy op de fyts om alle Fryske doarpen kennen te learen. Syn niget gie spesjaal út nei tsjerken en tsjerkeskiednis. Hy wie in grut leafhawwer fan it wurk fan Obe Postma. Hy lies dat wurk suver altyd wer op 'e nij. Hy koe deselde omgong mei kultuer, skiednis en lânskip as by himsels dêr yn werom. It ferline ynspirearre him en dage him út (Sjoch 'De bibliotek fan Sytse ten Hoeve', *De Moanne*, desimber 2005). Yn jannewaris 1976 kaam Sytse yn tsjinst by it skipfeartmuseum. Hy krige lang om let de kâns fan syn hobby syn berop te meitsjen. It publisearjen fûn hy it moaiste fan syn wurk. Tsjin dizze eftergrûn is it net frijend, dat, doe't er troch Meindert Seffinga opfolge waard as direkteur fan it Fries Scheepvaart Museum te Snits, it liber amicorum de oan in gedicht fan Postma – it gedicht 'In sjonger fan 't ferline' -- ûntliende titel meikrige *It doe yn 't hjoed wer woun*.

Yn dat freoneboek jout Meindert Seffinga in moaie skets fan Sytse syn libben. Hy fertelt ûnder mear, dat Sytse al op de kweekskoalle bliken joech fan in grutte niget oan tsjerkeskiednis en tsjerkebou. In eksamenwurkstik, neffens Seffinga, resultearre yn in 177 siden tellende stúdzje oer *Het kerkinterieur in Friesland*. Dat wie yn 1967. De eksaminator beoardiele it wurkstik mei in 10... It docht jin dan ek gjin nij, dat Sytse letter in moai boek skreaun hat oer *Preekstoelen in Friesland* (1980) en *Kerk en toren van Nijland* (1975). Sytse woe, sa sei er, in boek skriuwe oer de Fryske wenkultuer yn de Súdwesthoeke, yn de twadde helte fan de achttjinde ieu, benammen oer betimmeringen, betegelingen en beskildere behangsels. Dêr is it net mear fan kommen. Mar der bliuwe tal fan publikaasjes fan Sytse oer, dy't fan wearde binne. Yn it juni-nûmer fan it blêd fan de Stichting Alde Fryske Tsjerken, it saneamde Ten Hoeve-nûmer, jouwe Dolf van Wezel Errens, Willem Hansma, Teake van Popta en Albert Reinstra dêr in oersicht fan. Sels skreau Sytse moaie bydragen yn dat nûmer oer in grêfmonumint te Holwerd en oer de tagong ta it tsjerkhôf te Achlum. In grut lokaal-histoarikus is ús ûntfallen.



Sytse ten Hoeve (1945 – 2016)



Op freed 4 novimber hat it Obe Postma Selskip yn it ramt fan harren tsienjierrich bestean in skildere portret fan Obe Postma troch de ferneamde keunstner Gerben Rypma (1878 – 1963) oanbean oan Tresoar. De oanbieding waard dien troch OPS foarsitter George Huitema oan Tresoardirekteur Bert Looper en fûn pleats yn it Stedhâlderlik Hof yn Ljouwert as ûnderdiel fan it feestlik programma fan de útrikking fan de Obe Postma Priis 2016. Sicco Rypma, foarsitter fan de Gerben Rypma Stifting hat by de oanbieding ek noch in koarte foardracht oer Rypma en Postma holden. It skilderij komt te hingjen yn de Postma-seal fan Tresoar.

It portret is in oaljeferve op board (30 x 23.5 sm) mei op de efterkant in skilderij mei lamkes yn 'e greide. It skilderij wie yn 2008 troch Sietze Rypma út Westhim skonken oan it Obe Postma Selskip en yn brûklien jûn oan it op ôfrûne nijjiersdei ferstoarne OPS-lid Sytse ten Hoeve.